

Jierferslach 2017



Ynhâld

• Gearstalling bestjoer en kommisjes		2
• Foarwurd jierferslach 2017		4
• Oantekens foarjiersgearkomste 8 maart 2017		5
• Jierferslaggen fan de ferskate kommisjes		
- 2017: In sportyf en súksesfol keatsjier!	Wedstriidkommisje	10
- Op syk nei in man foar de fjilden en materialen...	Ut namme fan it HB	10
- Weromblik op 2017 fan de Technyske kommisje	Technyske kommisje	11
* <i>De Ald-Meiers yn de pocket!</i>	<i>Jeska, Roelie & Selma</i>	12
* <i>Keatster fan it jier</i>	<i>Selma de Boer</i>	13
- Ofskied fan 2 toppers by de Jongereinkommisje	Jongereinkommisje	14
* <i>Priiswinners kompetysjekeatsen 2017</i>		15
- Finansjele- en stipekommisje	Finansjele- en stipekommisje	16
* <i>Algemeine taljochting op it finansjele jierferslach</i>		18
* <i>Eksploitaasjerekken 2017</i>		20
* <i>Ferklearring kaskommisje 2017</i>		20
* <i>Taljochting op de eksploitaasjerekken 2017</i>		21
- Keatskamp nûmer 4 tige slagge! Tema: 'Op reis'	Keatskampkommisje	22
- Fan 'e PR-kommisje...	PR-kommisje	24
• Woansdei 26 july 2017: de 13e Jong-Feintepartij		25
• 'Hans fs Liesbeth'		26
• Wedstriidferslaggen		28
- Ledewedstriden		28
- Wedstriden federaasje		35
- Wedstriden KNKB		37
- Bysûndere aktiviteiten		40
- Jong Fammen – PC – Ald Meiers – Freule		41
- Nederlânske kampioenskippen		42
- KNKB Klasseminten		43
• Keatsmominten út 2017		44

Kolofon

Foto omslach: Winners Ald-Meiers (foto: Annette Kroondijk)

Dit jierferslach is in projekt fan de PR-kommisje:

Wilma Sjaarda, Greet Jorritsma, Akke Jikke van Berkum, Jetske Sieperda, Martine Tiemersma en Froukje Dijkstra

Gearstalling bestjoer en kommisjes

Haad bestjoer

Dirk-Yde Sjaarda
 Mattie Dijkstra
 Wilma Sjaarda
 René Rijpma
 Danny Roos
 Marten Faber
 Wiepkje Hiemstra
 Fakatuere
 Fakatuere

Sjaardaleane 17, 8734 GH Easterein
 Wynserdyk 10c, 8734 GG Easterein
 Sjaardaleane 1, 8734 GH Easterein
 't Kleaster 8, 8734 HB Easterein
 Stiitenserleane 21, 8734 HC Easterein
 Skoallestrjitte 54, 8734 GN Easterein
 Eskwert 29, 8734 HA Easterein

06-54385633
 06-48715808
 0515-851878
 06-30918435
 06-36036611
 06-24816080
 0515-333880

Foarsitter
 Fise-Foarsitter
 Skriuwer
 Ponghâlder
 Jongerein saken
 Technyske saken
 Algemiene saken
 Fjilden en materialen
 Foarsitter PR

Jongerein kommisje

Danny Roos
 Hans Kooistra
 Annebeth de Jong
 Geertje Sijbesma
 Liesbeth Bootsma
 Klaas Sixma
 Fetsje Terpstra

Stiitenserleane 21, 8734 HC Easterein
 Hofsleane 9, 8734 HM Easterein
 v. Eysingaleane 16, 8734 GC Easterein
 Hofsleane 12, 8734 HK Easterein
 Populiereleane 3, 8734 HS Easterein
 It Risplân 4, 8734 HT Easterein
 Hofsleane 8, 8734 HN Easterein

06-36036611
 06-83591959
 06-25133491
 06-17030584
 0515-331358
 0515-332963
 0515-331874

Foarsitter
 Skriuwer
 Kontakt teamlieders
 Kompetysje saken
 Alg./Fasilitaire saken
 Alg./Fasilitaire saken
 Opjefte jongerein

Technyske kommisje

Marten Faber
 Bauke Dijkstra
 Marije Hiemstra
 Robert Sijbesma
 Lysbet Schilstra
 Fakatuere
 Fakatuere
 Partoerbegjieders jongerein en senioaren

Skoallestrjitte 54, 8734 GN Easterein
 Wynserdyk 10c, 8734 GG Easterein
 Vrijburg 18, 8734 GK Easterein
 Eskwert 29, 8734 HA Easterein
 v. Eysingaleane 18, 8734 GD Easterein

06-24816080
 06-44057088
 06-30151578
 06-18319873
 06-30745420

Foarsitter
 Trainers koördinator
 TK koördinator
 TK koördinator
 TK koördinator
 TK lid manlju
 TK lid froulju



PR kommissje	Wilma Sjaarda	Sjaardaleane 1, 8734 GH Easterein	0515-851878	Skiedend Foarsitter
	Martine Tiemersma	Grieneleane 11, 8734 GP Easterein	06-43511663	Skriuwer
	Jetske Sieperda	Skoallestrjitte 54, 8734 GN Easterein	06-51951466	Jong Feinte redaksje
	Froukje Dijkstra	Hofsleane 31, 8734 HM Easterein	0515-332973	Foarmjouwing
	Akke Jikke van Berkum	Dobbelân 4, 8734 GZ Easterein	0515-532609	Kleanbelied
	Anke Marije Pompstra	Skries 35, 8731 DG Wommels	0515-857300	Redaksjelid
	Greet Jorritsma	Fabrykswei 9, 8734 HV Easterein	0515-331900	Redaksjelid
Finansjele- en stipe kommissje	Tjeerd Dijkstra	Wynserdyk 10c, 8734 GG Easterein	0515-331600	Foarsitter
	René Rijpma	't Kleaster 8, 8734 HB Easterein	06-30918435	Kontakt HB
	Tymen Dijkstra	Skrok 8, 8734 HG Easterein	0515-333030	Relaasje behear
	Anco Elgersma	Roordastrjitte 6, 8771 RV Nijlân	0515-851324	Relaasje behear
	Hendrik Okkema	It Risplân 2, 8734 HT Easterein	0515-332223	Relaasje behear
	Hendrik Kuiper	v. Eysingaleane 27, 8734 GD Easterein	06-46066337	Relaasje behear
Wedstriid kommissje	Mattie Dijkstra	Wynserdyk 10c, 8734 GG Easterein	06-48715808	Foarsitter
	Anny Sjaarda	Smidslân 9, 8734 HJ Easterein	0515-331536	Skriuwer
	Tjerk Politiek	De Ljurk 17, 8731DE Wommels	06-46080290	Wedstriidsekretariaat
	Jelle de Boer	Skrok 11, 8734 HG Easterein	0515-331302	Wedstriidsaken
	Romine Jelsma	Vrijburg 16, 8734 GK Easterein	06-22709673	Wedstriidsaken
Fjilden- en materiale kommissje	Klaas Sixma	It Risplân 4, 8734 HT Easterein	0515-332963	Fjilden jongerein
	Fakatuere			Foarsitter
Web redaksje	Fakatuere			
Keatskamp kommissje	Imke van der Leest	Sjaardaleane 17, 8734 GH Easterein	06-49942283	
	Marije Hiemstra	Vrijburg 18, 8734 GK Easterein	06-30151578	
	Sieta Tessemaker	Sjaardaleane 5, 8734 GH Easterein	06-20122296	
	Marco Rijpkema	Stiftenserleane 1, 8734 HC Easterein	06-13660866	

Foarwurd jierferslach 2017

Foar jimme leit it jierferslach fan Keatsferiening Easterein oer it jier 2017. In jier mei in protte hichtepunten, benammen ek op de saneamde klassikers. Mei dit prachtige boekwurk hoopje wy jimme wer in moai oersjoch te jaan fan alles wat der ôfrûne jier bard is mei keatsend Easterein.

As we sa werom sjogge op it keatsseizoen 2017 dan binne der in pear prestaasjes dy't it meast yn it each springe. Sa waard Corrie sawol Nederlânsk as Europeesk kampioen Wall Ball en wie der op de NK junioaren in moaie 3e priis foar Doede-Rients, Bote en Rémon. Fansels mei de winst fan Roelie, Jeska en Selma op de Ald-Meiers Partij en dy fan Imke mei har maten op de froulju's PC net ûntbrekke, sa waard augustus in tige súksesfolle moanne.

Efter dizze súksessen stiet in organisaasje mei tal fan bestjoeren en kommisjeleden dy't mei in protte entûsjasme (frije) tiid yn de keatsferiening stekke. Al dizze minsken wolle wy graach nochris tanksizze foar harren bydrage, op hokker wize dan ek. Wy wolle in feriening wêze dy't der is foar alle leden en dêryn is de stipe fan ús frijwilligers ûnmisber.

Wy binne tige grutsk dat wy jimme, mei tank oan ús PR-kommisje, sa'n moai neislachwurk oanbiede kinne. Ut namme fan it haadbestjoer wol ik jimme in protte lêsnocht tawinskje en wy hoopje jimme ek dit keatsseizoen wer op de fjilden te sjen.

Dirk-Yde Sjaarda

Foarsitter Keatsferiening Easterein



Oantekens foarjersgearkomste 8 maart 2017

Oanwêzich: Dirk-Yde Sjaarda, Mattie Dijkstra, Wilma Sjaarda, Danny Roos, Christian Hoekstra, Wiepkje Hiemstra, René Rijpma (fan ôf 21.30 oere) en 38 leden

Ofwêzich mei berjocht: Marten Faber, Anco Elgersma, Karin Sjaarda, Vera de Vries, Harm Auke Dijkstra, Anny Sjaarda, Tjeerd Dijkstra, Judy Bergsma, Romine Jelsma, Akke Jikke van Berkum

Wurklist

1. Iepening
2. Meidielings en ynkommen stikken
3. Oantekens fan de neijersgearkomste op 16 novimber 2016
4. Finansjeel ferslach:
 - rekken 2016
5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid
6. Presintaasje jierferslach 2016
7. Skoft
8. Bestjoersferkiezing:
 - Oftredend: Christian Hoekstra, fjilden -en materialen
 - Foardracht: Fakatuere
9. Stikken KNKB gearkomste op 16 maart 2017
10. Punten fan út it bestjoer, ûnder oare:
 - meidielings fan út de foarjersgearkomste Federaasje Snits
 - ûntwikkelings sportkompleks 'De Skoalleseize'
 - ôfskied kommisjeleden
 - fakatuere: stân fan saken
 - beliedsplan/leeftydsgrins
 - nije opset ledegearkomste
 - trainerskursus KNKB
 - webside
 - keatsmuseum
 - nije opset programmaboekje
 - keatskamp
 - start kompetysjekeatsen op 20 april
11. Wedstriidaginda 2017
12. Omfreegjen
13. Sluting

1. Iepening

- Dirk-Yde iepenet om 20.09 oere de gearkomste: "Wolkom allegearre, hartstikke moai dat jim fannejûn hjir by ús foarjersgearkomste binne. In spesjaal wolkom foar ús eareleden: Klaas Pompstra en Jan Hiemstra. Ek in spesjaal wolkom foar Boudewijn Kramer en Wilco Overal fan de Skoalleseize." Nei dizze wurden neamt Dirk-Yde de ôfmeldings op en ferfolget syn foarwurd. Hjiryn spesjaal omtinken foar it feit dat ús haadstiper Couperus Hydrauliek harren kontrakt ferlingd hat mei 5 jier! Dat fertsjinnet applaus en in bosk blommen foar Tom en Greet Couperus.

Dirk-Yde winsket nei dit heuglike feit eltsenien in noflike gearkomste ta.



2. Meidielings en ynkommen stikken

Meidielings:

- Gjin meidielings. Wurklist wurdt fêststeld.

Ynkommen stikken:

- Der bin gjin ynkommen stikken foar dizze gearkomste.

3. Ferslach fan de neijersgearkomste fan 16 novimber 2016

- Elts lid hat de oantekens fan de neijersgearkomste al ta-stjoerd krigen. Wilma freget de oanwêzigen oft hjir noch fragen en/of ûndúdlikheden oer binne > gjin fragen. Hjirnei wurde de oantekens fêststeld.

4. Finansjeel ferslach

- Dirk-Yde jout (omdat ponghâlder René Rijpma der noch net is) oan de hân fan ûndersteande tabellen útlis oer de finansjele sifers fan 2016.

Rekken 2016 (totaal)

Opbringsten	Begrutting 2016	Rekken 2016	Rekken 2015
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkomen partijen	2.655	2.423	2.125
Sponsorjilden	12.325	12.652	12.239
Kontribúsje en trainingsjilden	10.350	9.919	10.073
Aksjes	6.000	7.088	5.393
Subsydzje Gemeente	800	663	589
Subsydzjes en bydragen	0	0	130
Ferskate opbringsten	2.550	3.819	5.017
Totaal opbrengsten	34.680	36.563	35.566

Utjeften	Begrutting 2016	Rekken 2016	Rekken 2015
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	10.045	8.903	8.661
Kosten wedstriiden	2.615	3.945	2.596
Ferieningskosten	7.885	7.836	10.179
Hier sporthal, fjilden, materialen	2.495	1.295	2.414
KNKB en Federaasje	3.995	3.970	4.683
Aksjes	2.055	2.456	1.984
Materiaal	6.050	6.780	5.359
Totaal uitgaven	35.140	35.185	35.876
Resultaat	-460	1.378	-310

Organisaasje 2016


Opbringsten	Begrutting 2016	Rekken 2016	Rekken 2015
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkomen partijen	0	0	0
Sponsorjilden	3.525	3.352	3.739
Kontribúsje en trainingsjilden	10.350	9.919	10.073
Aksjes	4.000	5.535	3.503
Subsydzje Gemeente	800	663	589
Subsydzjes en bydragen	0	0	0
Ferskate opbringsten	1.650	1.840	4.001
Totaal opbrengsten	20.325	21.309	21.904

Utjeften	Begrutting 2016	Rekken 2016	Rekken 2015
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	205	252	731
Kosten wedstriiden	485	475	392
Ferieningskosten	6.385	6.417	8.478
Hier sporthal, fjilden, materialen	1.715	547	1.671
KNKB en Federaasje	3.995	3.970	4.683
Aksjes	1.980	2.215	1.934
Materiaal	6.020	6.750	5.329
Totaal uitgaven	20.785	20.626	23.217
Resultaat	-460	684	-1.313

Wedstriden 2016

Opbringsten	Begrutting 2016	Rekken 2016	Rekken 2015
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkomsten partijen	2.655	2.423	2.125
Sponsorjilden	8.800	9.300	8.500
Kontribúsje en trainingsjilden	0	0	0
Aksjes	2.000	1.553	1.890
Subsydzje Gemeente	0	0	0
Subsydzjes en bydragen	0	0	130
Ferskate opbringsten	900	1.979	1.016
Totaal opbringsten	14.355	15.254	13.661

Utjeften	Begrutting 2016	Rekken 2016	Rekken 2015
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	9.840	8.651	7.930
Kosten wedstriiden	2.130	3.470	2.204
Ferieningskosten	1.500	1.419	1.700
Hier sporthal, fjilden, materialen	780	748	743
KNKB en Federaasje	0	0	0
Aksjes	75	241	50
Materiaal	30	30	30
Totaal uitgaven	14.355	14.559	12.658
Resultaat	0	695	1.003



- Liesbeth Bootsma freget oft der ek nije trainingspakken oanskaft wurde, benammen foar de jeugd. Wilma: "We sille binnen de PR kommisje de trainingspakken ynventarisearje en hjirroer kontakt hâlde mei de jeugd-kommisje om te sjen wat der nedich is. Dan kinne der eventueel takom jier trainingspakken oanskaft wurde".

Aksjes 2017

- 10e Molkwarder koeke-aksje fan 27-2-2016 o/m 1-3-2016:
- Opbringst: € X (2016: € 4.188) – begrutting: € 4.250
- Resultaat: € X (2016: € 1.973) – begrutting: € 2.050
It resultaat fan de koeke-aksje is noch net bekend.
- Rabo leden – sponsering aksje
- Opbringst: € 220 (2016: € 70) – begrutting: € 0
- Ferlotting tidens wedstriden (Jong-Feinte Partij, Pearkekeatsen, de Jong partij)
- Flessebonaksje Jumbo (jongerein)
- GEKE
Hulp by boppesteande aksjes is fansels altyd wolkom!
- Sipke Hiemstra: "Is der sicht op wa't oerstapt nei GEKE? Sadat jim seker witte dat jim al it jild krije?"
Dirk-Yde: "Oan de ein fan it jier krije we in listje mei nammen fan de oerstappers dy't it jild oan de KF donearje. It is ek in kwestje fan goed fertrouwen.
- Geertje Sijbesma: "Wat is it resultaat fan de koeke-aksje? Ik hie it idee dat der better ferkocht waard doe't de priis 3 foar € 5 wie."

Dirk-Yde: "Resultaat is fergelykber mei foarrich jier doe't we mei de priisferheging begongen binne."

- Dirk-Yde betanket yn it bysûnder Klaas Pompstra foar syn stipe en gearwurking it ôfrûne jier kwa boekhâlding.

5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid

- Imke van der Leest en Tjerk Politiek dogge ferslach fan de kaskontrôle: "It listje/checklist foar 'dummies', dat troch Anco makke is, wurke hiel goed. René koe op alle fragen antwurd jaan. In kundige ponghâlder dy't der mei in 'frisse wind' nei sjocht! De sifers binne hjirby goedkard." Hjirmei wurdt decharge oan de ponghâlder ferliend. Tjerk Politiek en Imke van der Leest wurde betanke, Imke har sit fan 2 jier sit d'r op. Nij lid fan de kaskommisje wurdt Bauke Dijkstra.

6. Presintaasje jierferslach 2016

- Wilma kriget it wurd: "Ek dit jier ha we wer in protte tiid bestege oan it jierferslach. Us nije kommisjelid Greet mocht har hjir foar it earst mei dwaande hâlde en wat my betref is se mei flagge en wimpel slagge. Greet hat foarrich jier de taken fan Rika oernaam binnen de PR, wat benammen ynhâld de stavering fan alle stikken foar it jierferslach nei sjen. Froukje hat it allegear wer prachtich yn elkoar setten. We binne der wer grutsk op. Op de foarkant fansels de nijste oanwinst fan de KF: Rikkert de Kikkert. Sa as gebrûklik stean alle wedstriidferslaggen der yn, ynklusyf wiidweidich omtinken foar de Jong-Feinte Partij en de moaie prizen dy't foarrich jier wûn binne mei de NK's. Ut namme fan de PR wol ik jim in soad lêsnocht tawinskje. It jierferslach wurdt yn it skoff útdield oan alle oanwêzigen.



7. Skoff

- Omdat de gearkomste sa moai flot giet hannelje we earst punt 8 ôf. Hjirnei ha we skoff fan 20.45 oere - 21.00 oere.

8. Bestjoersferkiezing

- Offredend: Christian Hoekstra, fjilden -en materialen
Foardracht: Fakatuere

- Mattie rjochtet it wurd oan Christian: "Christian, do bist, as ik it goed ha, yn maart 2011 yn it haadbestjoer kaam as fjilden- en materialenman. Dat wie krekt wat foar dy, wat op de fjilden omskaaije en it hok in bytsje kreas hâlde, soargje dat de materialen op oarder binne. Hast it altyd goed foar elkoar. Hast yn dy tiid in protsje minsken om dy hinne krigen dy't dy mei alle leafde helpe wolle om de fjilden op tiid op oarder te krijen sadat de keatsers harren útljibe kinne. Hoefolle meters linen hast wol net lein? Earst rinnende de lange linen útrôlje en letter sittend op de golfkarre it fjild oer fleane. Ideaal dat kärke. Dan de perken útmjitte, de opslach en middenline útmjitte, tillegrafene te plak, blokjes derby, boppepeallen der hinne sjouwe, ballen klear sykje, netten ophingje om de keatsballen wat op te fangen. Dochs wie it altyd samar klear. We hiene it der ôfrûne wike noch oer, hoefolle mjitlinten ast wol net fersliten hast. Do seist in stik of 6 mar foar myn gefoel binne it der folle mear. We ha gauris mjitte moatten mei linten dêr't de earste meter fanôf miste. En dan ûnthâlde oft we de meter no wol meirekkene ha, of net ;-).



Bist dus in echte 'doener'. Mar..... as je yn it haadbestjoer sitte moatte je eins ek elke moanne fergaderje. Do hiest as ienige yn it haadbestjoer net in kommisje ûnder dy dêrsto ek noch ien kear yn de moanne mei fergaderje moast. Hiest gjin kleien dus (watsto ek net diest hear!).

Yn de fergaderingen hast nea in wurd tefolle sein mar as de mûle dan iepen gie, kamen der sinnige dingen út dêr't we wat mei koene.

Mei de wedstriden nimme we om beurten de organisaasje op ús en dat betsjut dat we dan ek in wurdasje hâlde moatte by de iepening en dat we de priisútrikking dogge. Yn it begjin hiest der mar in hekel oan en besochtst der ûnderút te kommen mar letter gie dat hieltyd makliker

en hast dyn wurdasje hâlden en dat gie sa moai as wat. Achter de bar stean en mei de lêsten de kantine ôfslute is fansels ek folle geselliger!

We ha noch gjin ferfanger foar dy fûn, mar do listst ús gelokkich net yn de steek en wolst noch wolris fjilden lizzen en do hast ek al guon minsken fûn dy't dat ek wol dwaan wolle. Fantastysk fansels. We hoopje dat we gau in man/frou fine dy't de fjilden en materialenkommissje oanstjoere wol fanút it fantastyske en gesellige haadbestjoer. Fergaderje hoecht net mear, hast wer wat tiid om tegearre mei Judy op de bank te sitten, al is sy op moandei oan it folleybaljen neffes my. Ast dy nochris ferfeelst komst mar ris del soe ik sizze.

As ôfskiedskadootsje hiest gjin winsken mar we ha, fine we sels, wat leuks foar dy betocht en hoopje dat it in moai plakje krijt." Christian krijt in moai glêzen oantinken (in 'spul' en in 'punt' op in standert) oanbean mei in bosk blommen. Applaus foar Christian fanút de seal.

9. Stikken KNKB gearkomste op 16 maart 2017

- Dirk-Yde: "1 hammerstik tidens de AV KNKB: hanthavenje hjoeddeistich ienlingenbelied. Wol wurdt it oanfraachformulier standerisearre en moat dúdlik wêze, per keatser, dat der yn de eigen en ûnderlizzende kategoryen gjin partoergenoat is. Ek kin, om de omstannichheden better nei foarren te bringen, de jeugd TK fan de KNKB om advys frege wurde. Dit advys hat gjin binende wurking mar kin brûkt wurde as ynput foar it ferieningsbestjoer. Binnen it haadbestjoer binne de mienings ferdield oer it wol of net hanthavenjen fan it ienlingenbelied, dêrom wolle we dit punt foarlizze oan de gearkomste."
- Klaas Pompstra: "Wat bin de mieningen binnen it bestjoer?" Dirk-Yde: "We ha it yn ús eigen gearkomste besprutsen ôfrûne moandei en der binne tsjin -en foarstanners mar ek neutrale stimmen."
- Boudewijn Kramer: "Meie de keatsers tidens it seizoen switche fan doarp?" Dirk-Yde: "Nee, dat is net tastien."
- Jan Hiemstra: "Ik bin foar it ienlingenbelied sadat keatsers út in lyts doarp ek in kâns krije op de ôfdielingswedstriden."
- Klaas Pompstra: "It is in belied fan de KNKB mar it hant-havenjen en de bewaking hjirfan is net yn hannen fan de KNKB mar leit by de ferienings, dat liket in neidiel en dêrom soe ik tsjin stimme."
- Fetsje Terpstra: "Hoe giet de KF hjir mei om? As der ien út Itens komme wol wylst we sels al 3 ha foar in partoer." Dirk-Yde: "Wy bin hjir sear behâldend yn. It belied treft ús no (noch) net. Wol stiet by ús foarop dat we ús eigen keatsers earst de kâns jaan wolle."
- Sipke Hiemstra: "It is wol sneu foar in ienling, mar as in feriening 4 goede keatsers hat falt der ek ien ôf en degene kin dan net nei in oare feriening."

- Ype Tiemersma: "Ik bin it mei Sipke iens mei as oanfolling dat ik dan ek fyn dat der meardere partoeren út ien doarp nei de NK's gean meie. Fyn it dêrneist ek frijend dat de ferienings it sels regelje moatte."
- Jan Hiemstra: "Is dit ek bepraten tidens de regioberieden?"
Dirk-Yde: "Ja, it is bepraten, mar wie tidens it ledeberie dêr't wy west binne gjin diskusjepunt."
- We gean ta stimming oer, it haadbestjoer sil ek, yndividueel, stimme:
 - Foar: 13
 - Tsjin: 18
 - Neutraal: 4
 Stimming is dúdlik; we sille tsjin it ienlingenbelied stimme op de AV.
- Sipke Hiemstra: Gean jim dit as KF takom wike ek ter diskusje stellen tidens de AV of gean jim akkoard, ek as der gjin stimming komt?"
Dirk-Yde: "As dat nedich is dan sille we dat seker dwaan."

10. Punten fan út it bestjoer

- Meidielings fanút foarjiersgearkomste Federaasje Snifs. Mattie: "Dizze gearkomste is op moandei 13 maart. Punten dy't dan besprutsen wurde:
 - Bestjoersynfolling: federaasjebestjoer bestiet no noch út mar 3 bestjoersleden, falt net ta om opfolging te finen. Der is in oprop nei alle ferienings dien om nammen troch te jaan. As dit net slagget dan sille se ferienings ferplichte om in bestjoerslid te leverjen." Mattie lêst de 'smeekebede' fanút it federaasjebestjoer foar. "As immen him/har hjir ta roppen fielt meld it dan oan ien fan ús.
 - Dit jier gjin federaasjedei binnen de federaasje omdat der op de plande datum 4 oare wedstriden binnen de federaasje binne. Wikselje mei in oar doarp/feriening is spitigernôch net slagge."
- Ontwikkelings sportkompleks 'De Skoalleseize', Wilco Overal krijt it wurd: "It is relatyf rêstich nei de hektyske en drokke perioade dy't we hân hawwe. Der stiet no net in soad op de planning."
- Sipke Hiemstra: "Wannear wurdt der besanden? Dat is no net mear handich om it tidens it keatsseizoen te dwaan omdat we net mear útwike kinne nei in oar fjild. Wilco meldt dat hijir rekken mei hâlden wurde sil.
- Ofskied kommisjeleden:
 - Technyske kommisje: Jelte de Boer en Judy Bergsma (tusken tiids ôftreden)
 - Jongereinkommisje: Joke Wiersma en Annette Kroondijk
 - Finansjele en stiperskommisje: Klaas Pompstra
 - Wedstriidkommisje: Wiepkje Hiemstra
 - Keatskampkommisje: Bauke Dijkstra



De ôfskiednimmende kommisjeleden wurde betanke foar harren ynset en krije út namme fan it haadbestjoer in bosk blommen oanbean.

- Fakatueres:
 - Haadbestjoer: FMK en foarsitter PR
 - Technyske kommisje:
 - froulju junioaren/senioaren
 - skoaljonges/jonges
 - junioaren/senioaren/50+
 - PR kommisje: skriuwer
 - Websideredaksje: 3 á 4 redaksjeleden
 - Keatskampkommisje: 1 bestjoerslid
 - Jongereinkommisje: gjin fakatueres
 - Finansjele/stiperskommisje: gjin fakatueres
 - Wedstriidkommisje: gjin fakatueres
- Wilma nimt de list mei fakatueres troch, 2 fakatueres binne de ôfrûne wiken ynfolle: Romine Jelsma nimt Wiepkje har plak yn yn de wedstriidkommisje en Hendrik Kuiper nimt in sit yn de finansjele/stiperskommisje. De jeugdkommisje hat yn Geertje Sijbesma en Annabeth de Jong opfolgers fûn foar Annette Kroondijk en Joke Wiersma. Lysbet Bakker nimt in sit yn de technyske kommisje foar Judy Bergsma.
- Beliedsplan/leeftydsgrins > Dirk-Yde: "We wolle, krekt as de KNKB, gjin ûndergrins kwa leeftyd mear ha foar nije leden. Advysleeftyd bliuwt wol 6 jier mar we wolle út de diskusje komme as ien 31 maart of 2 april 6 wurdt (peildatum wie 1 april). We sille dit oan de ein fan it jier wol evaluearje om te sjen oft it foldien hat. "
- Nije opset ledegearkomste > Dirk-Yde: "Fanôf 2017 gean we oer op 1 ledegearkomste per jier (yn neifolging fan de KNKB). Wat betreft it goedkarren fan de begrutting/

kontribúsjefoarstel: dit sil de FSK op foarhân dwaan en hjiryn in advys oan it haadbestjoer jaan. De begrutting sil dan tidens de foarjiersgearkomste presintearre wurde en hooplik goedkard wurde troch de leden. We sille dan dus gjin neijiersgearkomste mear ha. Huldgingen, keatser fan it jier, winners kompetysje-keatsen en sa sille dan plakfine tidens de lêste ledewedstriid (slotwedstriid mei bbq)."
De gearkomste giet hjirmei akkoard.

- Trainerskursus fanút de KNKB > Dirk-Yde: "Fanút de KNKB wurde der trainerskursussen oanbean (fergees). Ferline wike moandei is der in kursus starten yn Sint Anne dêr't Marit Kuperus en Lysbet harren foar oanmelden ha. Hjirby in oprop oan jimme: is dit wat foar jim meld jim dan oan foar de kursus dy't begjin april start."
- Webside > Dirk-Yde: "5 haadbestjoersleden sille (yn gearwurking mei de bruorren Miedema foar it technyske diel) foarearst te set oer it behear fan de webside no't Klaas der mei ophâlden is. We wolle earst besjen wat it krekt yn hâld. We bliuwe fansels op syk nei 3 á 4 entûsjaste redaksjeleden! We ferwachtsje ynput fan de leden, benammen wat de útslaggen oangiet. Dit kin maild wurde nei webbehear@kfeasterein.nl of appt nei de keats-útslaggenapp. Mochten je noch net yn dizze groepsapp sitte meld jim dan oan by Wiepkje, Wilma of Dirk-Yde."
- Keatsmuseum > Dirk-Yde: "Spitigernôch is it útsje nei it keatsmuseum net trochgien begjin febrewaris troch te folle oare drokte yn it doarp op dy dei. We sille ynkoarten mei Jan Hiemstra wer in datum prikke mar wolle it no alfêst ûnder jim oandacht bringe."
Jan Hiemstra: "Ik soe it hartstikke moai fine as der in flinke ploech Eastereiners delkomt, ik sil dan myn bêst dwaan om jim persoanlik rûn te lieden."
- Nije opset programmaboekje > Wilma: "Fan kommend seizoen ôf sil it programmaboekje der behoarlik oars út sjen gean. We ha der foar keazen om it oersichtliker te meitsjen mei minder tekst. It wurdt no mear in folder dêr't de belangrykste saken yn komme te stean. Net mear meardere wedstriidaginda's mar ien wedstriidaginda dêr't alle wedstriden yn opnaam binne; foar sawol jeugd as senioaren de ledewedstriden en federaasjewedstriden én de belangrykste KNKB partijen yn ien aginda. It measte dat altyd yn it programmaboekje stie stiet ek op ús webside. We sille der foar soargje dat de webside up to date is. De programmapolder wurdt healwei april rûnbrocht. Mochten jimme opmerkings ha of der wat yn misse dan hearre we dat graach."
- Keatskamp > Marije Hiemstra/Imke van der Leest: "Fan 24 oant en mei 26 april wurdt der wer in keatskamp organisearre. Tema dit jier is 'Op reis'. Kommende freed sil dit breed oankundige wurde op de legere skoalle. Fanôf dan kin der ek opjûn wurde. Foar ekstra bonuspunten kinne de bern flessen sammelje foar de flessebonaksje dy't dan yn april ynlevere wurde kinne by de Jumbo."

- Geertje Sijbesma: "Freeds bin de jongere bern frij, hoe gean jim dêr mei om?"
Marije: "Dizze bern krije fansels wol in oanmeldformulier. Bauke Dijkstra jout takom wike in keatsklinik op de legere skoalle, hjir bin de jongste bern wol by."
- Start kompetysjekeatsen > Dirk-Yde: "Op 20 april wolle we foar it earst wer kompetysje-keatse. Dit moat noch wol ôfstimd wurde mei de Skoalleseize. We wolle wat earder as oars starte omdat 27 april en 4 maaie ôffalle (resp. Keningsdei en Deadebetinking). As dizze datum definityf is dan hearre jim dat sa gau as mooglik."

11. Wedstriidaginda 2017

- Mattie jout tekst en útlis oer de wedstriidaginda fan 2017: "Dit jier ha we 7 ledepartijen foar de senioaren, 1 federaasjewedstriid foar de senioaren (Okkema partij op snein 28 maaie), 5 KNKB wedstriden (ferdiel oer 4 dagen) en 6 jeugdwedstriden (wêrfan 1 federaasjewedstriid). De Jong-Feinte Partij is op woansdei 26 july. Freed 16 juny begiet de ledepartij om 18 oere en keatse we yn 3 ferskillende listen. Teatsen is op snein 9 july yn gearwurking mei de tennisferiening (maksimaal 36 dielnimmers). De lêste ledewedstriid (slotwedstriid) is op snein 10 septimber mei in barbecue en huldgingen."
- Liesbeth Bootsma: "Jammer dat der net mear KNKB jeugdwedstriden binne."
Mattie: "Dy ha we wol oanfrege mar spitigernôch net tawezen krigen. We sille wer jeugdwedstriden oanfreegje foar takom jier (ek NK's) dêr't de Eastereinern bern goed fertsjinwurdige binne."

12. Omfreegjen

- Imke van der Leest: "Miskien goed om te melden dat der in tekoart oan skiidsrjochters is?"
Dirk-Yde: "Klopt yndie. As der immen is dy't hjir ambysje foar hat meld it oan ús. We wolle sawiesa noch in opfrisjûn besykje te organisearjen foar klubskiidsrjochters (krekt sa as foarrich jier)."
- Jelte de Boer: "Elkenien is op syk nei bestjoers -en kommisjeleden binnen de keatserij mar ek by de oare ferienings. Is it ek in idee om de bestjoeren en kommisjes ris tsjin it ljocht te hâlden? Elts fisket yn deselde fiver."
Dirk-Yde: "Is yndie in prima opsje, we sille hjir seker oer neitinke en sille it beprate binnen it haadbestjoer."

13. Sluting

- Dirk-Yde slút de gearkomste om 22.21 oere: "Tank foar jim komst! Greet Jorritsma tank foar it regljen fan kofje, tee en oanklaaiing. Graach biede wy jim noch 2 konsumpsjes oan op kosten fan de keatsferiening, dus jim hoege noch net nei hûs. Mar oars, wol thús!"

2017: In sportyf en súksesfol keatsjier!

It jier 2017 leit wer achter ús. Wy, as wedstriidkommisje, ha wer in moai keatsseizoen hân. It is wer slagge om der mei in protte minsken in sportyf en súksesfol keatsjier fan te meitsjen. Sa as we elk jier sizze, we kinne net sûnder de grutte ynset fan alle frijwilligers.

Mei de KNKB wedstriden soarge Jelle der foar dat de linen goed beset waarden sadat de wedstriden soepel ferrine koene ûnder lieding fan de skiedsrjochter. Dit slagget wol hieltyd dreger. Minsken hawwe allegearre harren reden om in frijwilligersbriefke net yn te foljen of om nee te sizzen as harren frege wurdt om ris te helpen. **Mar by dizze nochris in oprop! Sis ek ris ja en we meitsje der in leuke dei fan!**

It wie Jelle syn lêste jier dat hy de frijwilligers regele hat. Romine hat har earste jier der op sitten as lid fan de wedstriidkommisje en soarge foar de ferwurking fan de opjeftes en it lotsjen en wat der fierder by komt sjen. Se hat har der goed mei rêden. Tjerk hat de prizen fersoarge en Anny hie de lieding oer de katering tidens de wedstriden en makke de oantekens by de gearkomsten en ik (Mattie) wie it lyntsjie nei it haadbestjoer fan dizze kommisje.



Sa ha we as wedstriidkommisje besocht om der wer in moai keatsseizoen fan te meitsjen. De wedstriidferslaggen kinne jim yn dit blêd lêze. De PR hat der wer in prachtich eksimplaar fan makke.

De slotwedstriid wie dit jier wat oanpast. Earst trije kear keatse en doe de huldgingen fan de kompetysjewinners en winners fan klassikers en der binne minsken betanke. Nij wie ek de ferkiezing fan de keatser fan it jier. Leden koene oanjaan op in briefke mei eventueel in motivaasje, wa neffes harren keatser fan it jier wurde moast. De briefkes binne hast allegearre ynfolle en ynlevere. It oare jier mar wer. Dan kin elkenien der fêst oer neitinke tidens it keatsseizoen. Nei de huldgingen stie der in hearlike bbq klear en ha we mei syn allen lekker iten en dronken en der in gesellige jûn fan makke.

We ha ek ien jûn kompetysjkeatst yn Wommels. De winners fan de frouljus PC waarden dêr rûnriden mei de koets fan Yde Sjaarda en omdat Imke ek plaknimme mocht yn de koets, koene wy keatse yn en mei Wommels. In tige slagge jûn en dat sille we seker noch wol ris dwaan. Sa besykje we elke kear wat te betinken om de keatsers te motivearjen om diel te nimmen oan de aktiviteiten dy't KF Easterein organisearret.

De Wedstriidkommisje,

Anny Sjaarda, Jelle de Boer, Romine Jelsma,
Tjerk Politiek, Mattie Dijkstra

Op syk nei in man foar de fjilden en materialen ...

Neidat Christian Hoekstra út it bestjoer gongen is ha we noch net in man foar de fjilden en materialen fûn. We ha dat as HB oppakt, tegearre mei in protte minsken dy't holpen ha om de fjilden te lizzen en sa is it slagge om alles foar elkoar te krijen.

We ha minder ballen ferlern omdat der in nij stek makke is om de jeu de boule baan. Yn de grutte hage rekke noch wol ris in bal fuort en dat is no oer. No mar hoopje dat de wyn fan de goeie kant komt en de ballen net ferdwine yn it gers fan boer Hiemstra. Der binne twa nije tinten besteld en dy kinne hierd wurde foar 25 euro per tinte. It keatshok wurdt neisjoen en eventuele nije materialen wurde, wêr nedich, oanskaff.

By it útbringen fan dit jierferslach hoopje we wol in lid fan de FMK te hawwen sadat de taken wer wat oars ferdield wurde kinne. Dus oare kear komt hjir fêst in oare namme ûnder te stean.

Ut namme fan it HB, Mattie - fisefoarsitter

Weromblik op 2017 fan de Technyske kommisje

Tiid hâldt gjin skoff... sa slute we it jier ôf, sa steane we alwer oan de start fan de tariedings fan in nij keatsseizoen. Lyk as alle oare jierren in lyts ferslachje fan it ôfrûne keatsjier.

Yn de tarieding is it ús taak as kommisje, yn gearwurking mei de jongerein kommisje, om in opset te meitsjen fan de ôfdielingspartoeren foar Easterein. Somtiden lestich, somtiden is it ek wol dúdlik. In útdaging om de goeie beslissingen te nimmen, net altyd like maklik, mar we steane der ûnôfhinklik yn en sille tegearre mei de JK in beslissing nimme moatte.

Weromblik 2017

In jier mei in goede tarieding, goed oerlis fanút de kommisjes wêrby de noazen allegearre deselde kant út steane en wy klear binne foar 2017.

Wat we ferline jier al wisten, dat die ek wol bliken. De famkes sille dit jier in sterk partoer hawwe, en it sil net maklik foar de kommisje wurde. Meardere goeie keatsers, allegearre aktyf op KNKB nivo en eltse sneon en snein steane se yn de greide, fjouwer echte leafhawwers. Fanút de famkes is der eins mar 1 echt doel, dat is de 'famkes Freule' oftewol de Ald-Meiers. Nei in drege tarieding, mar wol ien dêr't alle kommisjes en it bestjoer efter steane, meie Roelie, Selma en Jeska de kleuren fan KF Easterein ferdigenje.

De dei sels hoech ik net op werom te kommen, dat is ús allegearre wol bekend. De famkes hawwe striden en stiene mei in fokus yn it fjild. Machtich moai is it dan ek dat sy de winners fan de dei wurde. Se sleepten elkoar der troch hinne. De konsentraasje bewarje is dreech mar wichtich, mar dar jildt foar eltse keatser. Roelie stie de hiele dei as in beest op te slaan en hat it partoer der meardere kearen troch hinne sleept (Keninginne fan de dei??). Jeska wie sterk yn it perk en mei de opslach en Selma keatste oer deeglik en wie in stabile, rêstige faktor yn it partoer. In kompleet en prachtich moai partoer. Nochris lokwinske froulju.

De junioaren hawwe ek in super prestaasje levere. It partoer fan Bote, Rémon Tie en Doede Rients berikte de heale finale. Doede Rients is de man mei de measte ûnderfining yn it partoer. Coach Gert Jan is ek in man mei ûnderfining en troch Doede Rients efkes de foar bêst opslach te jaan, koe Easterein op it lêst trochpakke. Der wiene wol kânskes, mar spifigernôch is it Frjentsjer dy't oan it langste ein lûkt en de finale helle. Der is in geweldich moaie 3e priis helle, in top prestaasje mannen!!

Imke wint de frouljus PC en Corrie wurdt wrâldkampioen yn Valencia mei it WallBall. Prestaasjes fan formaat, grutte klasse!

By de federaasje is der ek dit jier wer in bak mei prizen binnen helle. Yn de 'keatsútslaggen App' wie it elts wykein wol raak. De bern fan KF Easterein binne op elts nivo en op elts fjild. Der geane in soad fan ús jongereinleden de greide yn, skitterend om te sjen. Gean sa troch!!

Op federaasje nivo kinne der by de senioaren miskien noch wol in oantal by, dit hâldt net echt oer. Mar dat is eins by eltse feriening wol it gefal. De jongerein docht it yn elts gefal super en wy hoopje dat dit moai sa troch set, dan komt it yn de takomst mei de âlderein ek wol wer goed.

Hjir wol ik it mar by litte. In jierferslach mei in pear hichtepunten der út pakt. Op nei in nij keatsjier... 2018, ik bin benijd wat it de keatsferiening wer bringe sil.

De Technyske kommisje,

Bauke, Marije, Robert, Lysbet en Marten



De Ald-Meiers yn de pocket!

Rûn 8 oere moasten wy ús sammelje by Danny, der stie in wiidweidich moarnsbrochje foar ús klear. 5 Pakken hagelslach mar dochs misten wy de melkhagelslach, 15 aaien, bananen en noch folle mear. In goed begjin fan de dei.

Toernoaien yn Nederlân

Ype frege oft it findel al út de kantine helle wie, der koene wy gjin antwurd op jaan. Danny yn alle stress nei de kantine om it findel te sykjen. Efkes letter kaam hy mei it findel oan setten. Doe kaam it twadde probleem: hoe krije wy it findel yn 'e auto? Nei in soad muoite en wat ferbouwerij, de stok yn it midden en de kofferbak fol mei tassen, koene wy dy kant op.

Doe't we oankamen koene we gelyk meirinne yn 'e optocht, we gongen op ús fertroude plakje achteroan stean. De wedstriden begongen mar wy koene noch net los, wy moasten lang wachtsje. It hie gelokkich gjin ynfloed op ús earste partij. Dat wie wol te sjen oan de útslach, 5-0.

De twadde omloop wiene we ek sa troch hinne, ek 5-0. De tredde omloop hiene wy in moai steand nûmer, wêrtroch we gelyk yn 'e heale finale stiene. Doe kaam de heale finale tsjin Makkum. Earder dit jier hiene wy hjir ek tsjin keatst, dus we wisten dat it net maklik wurde soe. Se krigen gjin grip op it spul en dêrmei wie de wedstriid samar foarby, dizze partij einige wer op 5-0.

It wie al in hiele oerwinning dat wy yn de finale kamen. We starten sterk en kamen gelyk mei 3-0 foar. Seisbierrum joech de moed noch net op en foar dat we it wisten stie it alwer 3-3. Neidat Seisbierrum it 3e buordsje pakte, wisten we dat we oan de bak moasten. We paktten it wer op en kamen 4-3:6-6 foar, op dat momint hiene wy it gelok dat Fiera de bal tsjin Anna oan sloech, dus it 5e buordsje wie foar ús. Uteinlik kamen we op 5-4:6-6. Hiel rêstich gongen wy it perk yn en stiene klear foar de opslach fan Fiera. Fiera brocht de bal foaryn en Jeska sloech 'em op it nipperke boppe.

De Ald-Meiers yn de pocket!

Wat in belibbing mei in soad emoasjes, dit pakt gjin ien mear fan ús ôf.

Jeska, Roelie & Selma



Keatster fan it jier 2017!

De slotdei fan de KF Easterein wie in prachtige dei. De lêste ledepartij wie hartstikke gesellich, mei elke partij oare maten. Twa kear wûn en ien kear ferlern en dochs de krânse, dat hie ik net tocht.

Dy jûn waarden wy ek huldige foar it winnen fan de Ald-Meiers Partij. Ek wie der it kiezen fan de keats(t)er fan it jier. Elkenien mocht op in briefke oanjaan wa syn favoryt wie en wêrom. Ta myn ferrassing waard ik útroppen ta keatster fan it jier. Mei syn allen barbecueë wie in moaie ôfsluting fan de dei.

Foar my wie 2017 oant no ta myn moaiste keatsjier. As twadde-jiers famke kaam ik hast alle wykeinen mei in priis thús, mar hast nooit de krânse. Troch al dy prizen bin ik 4e yn it klassemint fan de KNKB einige, hjir waard ik al hiel bliid fan.

De ôfdieling hie in wikseljende start, mar it resultaat koe net better, de Ald-Meiers Partij winne!
Net faak mei de krânse thús kommen, mar wol mei de belangrykste!
Wat ha wy in moai feest hân, ek de resepsje wie geweldich.

Ik wol it bestjoer en elkenien betankje dy't hjir oan by droegen hat.
Dit keatsjier fan my kin net mear stikken.

Selma de Boer



Ofskied fan 2 toppers by de Jongereinkommisje ...

5 Jier lang koene de bern harren kompetysjekaartsje tidens it keatsseizoen op de Koaifinne yn de bus dwaan. 5 Jier lang moandeitejûns de kompetysje-yndieling meitsje foar it kompetysje-keatsen en 5 jier lang tiisdeitejûns op it fjild by it kompetysje-keatsen. Se miste eins nea. We hawwe it hjir oer Annette Kroondyk. Binnen de jongereinkommisje ferantwurdlik foar it kompetysje-barren. Yndielingen meitsje, frijwilligers yndiele en sa fierder. Annette giet de jongereinkommisje spitigernôch ferlitten.

Dan is der noch sa'n keatsfreak dy't út de jongereinkommisje giet. Joke Wiersma har tiid sit der ek wer op. "Wêr" op ja, omdat Joke al ris faker ôfskied nommen hat mar doe fan it HB en dit sil seker ek net de lêste kear wêze dat Joke in sit hat yn in komsisje of bestjoer. Joke Wiersma die yn de jongereinkommisje de algemiene/fasilitaire saken. Se makke oan it begjin fan it jier de jeugdflyer mei Liesbeth en bestelde de krânsen foar de wedstriden. Fierder wie se oeral by. As it no om it lotsjen gong of om wedstriden, Joke wie der by. Op de algemiene gearkomste yn maart is der op paste wize oandacht oan de ynset fan dizze toppers jûn. We gean se seker missen yn de jongereinkommisje.

Lokkich koene we ek 2 nije komsisjeleden wolkom hjitte. Foar de kompetysjesaken sil Geertsje Sybesma har ynsette en foar de algemiene/fasilitaire saken docht Annebeth de Jong dat. Se wiene al gau thús yn de gesellige wrâld fan de jongereinkommisje. Wolkom froulju.

Foar de bern starte it keatsjier mei it keatskamp. Se gongen dit jier op reis. Wêr hinne?? Dat kinne jim fêst lêze yn it ferlach fan de keatskampkomsisje. Ik wol al graach fermelde dat de bern in fessebonaksje hiene. Safolle mooglik flessen

ophelje en ynleverje by de Jumbo. Doel wie om it jild te stekken yn de organisaasje fan it keatskamp. De fessebonaksje hat € 252,15 opsmitten, grutte klasse.

Omdat we de jonges/famkes kategory graach wer op it fjild ha wolle te keatsen is der besletten om dizze jeugd mei keatsje te litten mei de jeugd ledewedstriden. Se meie fansels ek mei dwaan oan de partijen foar de senioaren.

Tradisjoneel altyd de earste keatspartij fan it jier, de Kniplokaeltsje-partij op woansdeitemiddei 10 maaie. Yn totaal 50 berne keatsers aktyf op dizze prachtige sinnige, wynstille en droege middei. Ideaal keatswaar om útein te setten dus!

Op 2 juny in federaasjewedstriid yn Easterein foar alle jeugd fan Federaasje Snits. Wat in pracht gesicht sa'n fjild fol mei entûsjaste bern dy't sa sportyf en gesellich oan it keatsen binne! It waar kin in haadrol spylje tidens in keatsdei, somtiden posityf, somtiden negatyf. Dêr't we foarrich jier nei de earste omloop de partij spitigernôch ôfsizze moasten yn ferbân mei tonger, sloech it waar hjoed foar bêst op! Sinne, mar net te waarm, lekker wyntsje, net te folle. Ideaal keatswaar dus!



Op 14 juny wie der wer in jeugdeledepartij op de woansdeitemiddei. Der is binnen de FSK keazen foar in mienskiplike stipersgroep dy't de partijen stipet. Derom gjin stipersnamme mear oan de partijen. In wike lyn noch mei de winterjas oan op it keatsfjild by it skoalkeatsen en hjoed koene we lokkich lekker yn de koarte broek en it t-shirt keatse. Hearlik, sa heart it eins ek by it keatsen.

Op snein 2 july de âlder/bernpartij. In lytse 40 âlders en bern hiene harren opjûn. 3 Omlopen keatse en gjin prizen foar de winners. Hoe moai kin it wêze. It fjild foar de prizen is bestege oan in hapke en in snapke foar de âlders en de bern.

Op sneon 15 july 2017 wie der wer in jeugdwedstriid yn Easterein. Foardat elkenien wer de koffers pakt en yn de grutte fakânsje op reis giet, koe der troch de bern fan Easterein noch krekt efkes keatst wurde. Omdat in soad âlders ek frij wiene, wie it in gesellige drokte op it fjild. Lekker yn it sintsjje mei in bakje kofje, it koe net better.

Freed 8 septimber wie it nachtkeatsen, dit is eins wol de leukste ledepartij fan it keatsseizoen. De opjefte wie dan ek goed, dus alle yngrediïnten om mei syn allen it keatsseizoen 2017 op in leuke manier ôf te sluten. Mar der is ien ding dat je as jeugdkommisje net yn de hân hawwe en dat is ... it waar.

De jeugdkommisje koe dit jier spitigernôch net oars dan beslisse om in alternatyf programma te betinken. De patat mei de frikandel bliuwde op it programma stean en dêrnei wie der in bingo en noch wat oare spultjes. As ôfsluter wie der sjips, borrelnuten en it útrikken fan de kompetysjepriizen fan 2017.

Dat wie dan alwer de ein fan it keatsseizoen 2017...

In keatsseizoen dat je altyd it bêste gearfetsje kinne yn winne, ferlieze, blydskip, teloarstelling, wille en somtiden ek in bytsje ferriet. Mar sa lang nocht en wille foarop steane komt it mei ús keatsende bern wol goed!

Alle trainers, fjild-lizzers, fjild-meaners, minsken efter de tillegraaf, wedstriidlieders, blokjerinners, barminsken, patatbakkers en oare helpende hannen, tige tank foar jim ynset, geweldich!

In goeie wintersliep tawinske en we sjogge jim graach wer yn it foarjier fan 2018.

De Jongereinkommisje,

Danny, Hans, Geertje, Fetsje, Annebeth, Klaas en Liesbeth



Priiswinners kompetysjekeatsen 2017

Kabouters

- 1e priis: Thymen Santema (85 pnt)
- 2e priis: Femke Paauw (63 pnt)
- 3e priis: Pieter Age v.d Weide (61 pnt)

Welpen famkes

- 1e priis: Fianne Dijkstra (77 pnt)
- 2e priis: Eelkje de Jong (66 pnt)
- 3e priis: Brecht Stegenga (63 pnt)

Welpen jonges

- 1e priis: Jorn Hiemstra (65 pnt)
- 2e priis: Sibbrand Stremmer (60 pnt)
- 2e priis: Jorrit Stap (60 pnt)

Pupillen famkes

- 1e priis: Liset Sijbesma (73 pnt)
- 2e priis: Senay Sixma (72 pnt)
- 3e priis: Judith van der Weerd (51 pnt)

Pupillen jonges

- 1e priis: Redmer Wiersma (65 pnt)
- 2e priis: Ridzert Veldman (63 pnt)
- 3e priis: Jesper Paauw (57 pnt)

Skoolfamkes

- 1e priis: Nynke Paauw (52 pnt)
- 2e priis: Tessa Ottens (50 pnt)

Skooljonges

- 1e priis: Siebo Boersma (52 pnt)
- 2e priis: Rutger Sijbesma (49 pnt)
- 3e priis: Bauke Reijnhoudt (45 pnt)

Jonges/Famkes

- 1e priis: Machtelt Veldman (77 pnt)
- 2e priis: Julia Paauw (46 pnt)
- 3e priis: Selma de Boer (22 pnt)
- 3e priis: Halbe Willem Overal (22 pnt)



Finansjele- & stipekommisje

It jier 2017 begûn mei in tal útdagings, sa as it ferlingjen fan in grut oantal kontrakten, werûnder it kontrakt mei ús haadstiper en dy fan ús kleanstipers. De ôfdielingsklean en de troch elkoar lotters klean wiene noch sa goed, dat it wie noch net nedich om nije klean oan te skaffen. Yn goed oerlis mei ús haadstiper en ús kleanstipers is besletten om ûnder deselde kondysjes it kontrakt mei noch 1 jier te ferlingjen. It kontrakt mei ús haadstiper Couperus Hydrauliek B.V. waard sels mei 5 jier ferlingd. In boppeslach foar de Keatsferiening Easterein. Neist de neamde stipe kontrakten koene wy ek wer rekkenje op ús oare stipers, grutte en lytse. Mei inoar sa'n 50 stipers, dy't der alle jierren wer foar soargje dat Keatsferiening Easterein har ambysjes ynfolje en úffiere kin.

We priizje ús as feriening lokkich mei de situaasje dat in grut oantal stipers al jierrenlang oan ús keatsferiening ferbûn is en ús feriening trou bliuwt en somtiden sels ekstra stipet. Mei de ynset fan tal fan frijwilligers binne we der yn slagge om de ynkomsten út stipejilden, finansjele aksjes en oare bydragen/subsydzjes op nivo te hâlden en ek 2017 wer ta in (finansjeel) súkses te meitsjen. Lâns dizze wei wolle we alle stipers, frijwilligers en oare ynstânsjes derfoar wer tige tank sizze.

In oare grutte útdaging wie it ferfangen fan Klaas Pompstra. Oan de ein fan 2016 hie Klaas Pompstra oanjûn mei yngong fan 2017 op te hâlden mei syn frijwilligerswurk foar de Keatsferiening Easterein. Sa'n 16 jier is hy yn it spier west foar de Keatsferiening Easterein yn ferskate funksjes en rollen, hy hat oanjûn dat it tiid wurdt foar oare wichtige saken. Mei troch syn jierrenlange ynset en ynspiraasje ha wy as Keatsferiening Easterein yn al dy jierren in soad berikt. Neist de taken dy't del lein binne by oare kommisjes, ha wy as finansjele- en stipekommisje de ferskate taken fan Klaas foar safier mooglik ferdield en ha wy de kommisje foar 2017 wer oanfolje kinnen mei in nij kommisjelid.

As nij kommisjelid is Hendrik Kuiper jr. yn de finansjele- & stipekommisje kommen. Dêrmei giet de leeftyd fan 'e kommisje omleech en wurde der mei it netwurk fan Hendrik Kuiper mooglik wer oare stipers fûn om ús keatsferiening te stypjen. Wy ha der dan ek alle betrouwen yn dat ek 2018 wer in (finansjeel) súkses wurde sil.

De taken fan de finansjele- en stipekommisje binne oer 2017 sa ferdield west:

Tjeerd: foarsitter en stiperkontakten
Anco: skriuwer, stipe-administraasje en stiperkontakten
René: kontakt HB as ponghâlder en stiperkontakten
Tymen: fûnsen en stiperkontakten
Hendrik O.: algemien lid en stiperkontakten
Hendrik K.: algemien lid en stiperkontakten

As kommisje ha wy yn gearwurking mei it haadbestjoer en oare kommisjes foar it kommende jier alwer in tal fan oare útdagings, wêrby wy as Keatsferiening Easterein foarút sjogge en dan benammen nei ús lustrumjier 2019. De Keatsferiening Easterein sil dan har 115 jierich bestean fiere en it bestjoer hat alwer tige nijsgjirrige plannen nei foarren brocht.

It finansjele 'reilen en zeilen' fan Keatsferiening Easterein kinne jimme sjen by it finansjele jierferslach en de algemiene taljochting derop troch René Rijpma.

Stipers

Haadstiper

Couperus Hydrauliek B.V. Easterein

Haadstiper Jong-Feinte

It Dielshûs Wommels

Kleanstipers

Couperus Hydrauliek B.V. Easterein

Bos Mechanisatie B.V. Easterein

Leanbedriuw Okkema Easterein

Grafische Groep van der Eems Easterein

Installatiebedrijf De Jong Easterein

Wedstriidstipers

Oranjeferiening Oranje & Heitelân Easterein

Couperus Hydrauliek B.V. Easterein

Kapsalon 't Kniplokaeltsje Easterein

Posthuma Skilderbedriuw Easterein

Bos Mechanisatie B.V. Easterein

Leanbedriuw Okkema Easterein

Grafische Groep van der Eems Easterein

Autobedrijf Witteveen & Brouwer B.V. Easterein

MRW Accountants & Adviseurs Snits

Bouw-tekenburo Wietse B. Ligthart Wommels

Installatiebedrijf De Jong Easterein

Bloemsierkunst De Vlinder Wommels

B. Sandstra Mesthandel en Transport Easterein

Autoschadeservice van Krimpen Easterein

Murk's Slagerij Wommels

Handelsonderneming Altac Easterein

Sporthuis A.P. van der Feer Boalsert

Skylk Easterein

Anonym Easterein

Jong-Feinte stipers

Rabobank Sneek-ZuidwestFriesland Snits

Int. Handels- & Transportbedrijf Gebr. Vellinga B.V. Easterein

Jan Hiemstra Frjentsjer

Juwelier Kramer
 Bakkerij Posthuma
 v.d. Werf Bouwservice
 Gebroeders Faber Grafmonumenten
 Mitselbedriuw BOU-plus
 Stifting Skoalleseize
 Keatsferiening Wommels
 Boubedriuw Bootsma B.V.
 Jouke Huitema
 HDM Pipelines B.V.
 Noflik Easterein
 Jumbo Wommels
 ECOstyle Group
 Punter Bouwservice
 Libertas Technical Solutions
 Wiersma Administratieve- en fiscale
 dienstverlening
 Maatschap Kuiper
 Hotel Bornholm
 Anonym

Advertinsje stipers

FOOX | Bergsma Franeker B.V.
 Brouwers Schilders - Jimbar
 Mr. Th.J. Houtsma Notariskantoor
 Mondzorg Harkema

Webstiper

Bakkerij Molkwar

Aksjes

Yn 2017 ha we de 10e edysje fan ús jierlikse koeke-aksje hâlden. Ein febrewaris/begjin maart waard der mei frijwilligers in berch koeken ferkocht mei in netto winst fan **€ 1.607 (opbringst € 3.468, kosten € 1.861)**. Der waard dus wat minder ferkocht as yn 2016 (netto winst € 1.973,-), mar noch altyd net sa'n gek resultaat. Litte we ek dit jier wer manmachtich by de doarren lâns gean, dan kinne we as kollektyf wer in moai resultaat behelje, en kin de 'lêst' oer in soad skouders ferdield wurde!

Frjentsjer
 Wommels
 Easterein
 Easterein
 Wommels
 Easterein
 Wommels
 Turns
 Nijlân
 Wommels
 Easterein
 Wommels
 Easterwâlde
 Easterein
 Easterein
 Wommels
 Easterein
 Skylge
 Easterein

Finansjeel

De begrutting foar it stipe- en subsydzebedrach foar it jier 2017 bedroech **€ 13.150 (stipe € 12.350, subsydze/bydragen € 800)**. Yn 2017 waard oan bydragen fanstipers, subsydzes en (bysûndere) bydragen in totaalbedrach ûntfongen fan **€ 13.679**.

It bedrach bestiet út: stipers **€ 12.825** en subsydze/bydragen **€ 854**. Dêrneist waard yn natuera in bedrach stipe fan **€ 1.270**. De rekken 2017 wurdt yn de foarjiersgearkomste fan 2018 presintearre. Foar 2018 ha we in bedrach begrutte fan **€ 13.225 (€ 12.525 oan stipe en € 700 oan subsydze en bydragen)**.


De finansjele- en stipekommisje,

Tjeerd Dijkstra, Tymen Dijkstra, Anco Elgersma,
 Hendrik Okkema, Hendrik Kuiper en René Rijpma

Frjentsjer
 Wommels
 Warkum
 Harkema

de Jouwer

Stiperdei
 27-08-2017



Algemiene taljochting op it finansjele jierferslach

Minsken, dit jier mar in koarte ynliding fan de taljochting. Ik ha ienfâldichwei mar in ferrekt lyts bytsje ynspiraasje foar in moai ferhaaltsje. Ik tink dat it foaral komt omdat it finansjele jier sa moai as wat ferrûn is, sûnder al te folle frjemde dingen.

Finansjele posysje

As buffer foar ôffallers of it dwaan fan grutte ynvestearringen, stribbet it bestjoer fan keatsferiening Easterein der nei om in eigen fermogen te hâlden fan minimaal € 10.000. We sitte noch altyd in dikke € 4.500 boppe dy grins en dat is tige sûn. Dêrneist ha we no in bedrach fan hast € 9.650 oan reservearringen op de balâns stean foar klean en it keatskamp. Yn ferbân mei de net ynfolle fakatuere foar materialeman is de ballefanger, dy't foar 2017 begrutte wie, der noch net kommen. Hjir wurdt oan wurke, en it begrutte bedrach is alfêst as kosten meinommen yn 2017 (der is dus € 1250,- reservearre om te besteegjen yn 2018).

Oer 2017 ha we de aktiviteiten oangeande de organisaasje en wedstriden, nei reservearringen, mei in negatyf netto resultaat fan € 840 ôfsletten. Dat betsjut dat we op 31-12-2017 in eigen fermogen ha fan € 14.567. As je de reservearringen foar klean (€ 2.750), keatskamp (€ 100) en ballefanger (€ 1250) bûten beskôging litte, ha wy 2017 ôfsletten mei in posityf bruto resultaat fan € 3.260.

Stipers

Ek dit jier meitsje de stipers wer in wichtich diel út fan de ynkomsten fan de keatsferiening. Yn 2017 makke it stipersjild 34,1% út fan de begrutting. Yn de realisasje bestie 38,6% fan de ynkomsten út stipersjilden. As keatsferiening Easterein binne we dan ek tige grutsk en tankber foar al ús stipers. It bestjoer stribbet dernei om in part fan ûngefear 1/3 fan 'e ynkomsten by stipers te belûken, 2/3 part soe dan troch kontribúsje en ynls by partijen, aksjes, subsydzjes ensfh. by-inoander brocht wurde moatte. It realisearre persintaazje is dus eins wat oan'e hege kant. Wy sille yn 2018 besykje de boel wer wat mear yn balâns te krijen. Jimme kinne ús dêr ienfâldich by helpe troch... krekt, sa folle as mooglik te keatsen by de ledepartijen, te stimmen op 'e KF tidens de Rabo-lede-aksje en troch dit jier wat mear koeke te iten.

Oer 2017 hat ús keatsferiening in totaalbedrach fan € 13.679 (2016: € 13.315) oan stipe- en subsydzejild ûntfongen. Dit bedrach is sa ferdielt: stipers € 12.825 (2016: € 12.652) en subsydze/bydragen € 854 (2016: € 663). Der is yn natuera foar € 1.270 stipe (2016: € 1.100).

Resultaat

Sa as al earder oanjûn, ha wy it boekjier negatyf (-€ 840) ôfsletten, dêr wêr't ek in negatyf (-€ 1250) resultaat begrutte wie.

It negative resultaat fan de organisaasje (-€ 1122) oer 2017 is foaral in gefolch fan minder ynkomsten (yn fergelyk mei 2016) troch kontribúsje (-€ 300) en trainingen (-€ 650), en trochdat de koekeaksje wat minder (-€ 340 netto) opbrocht hat as begrutte. Ek moasten wy dit jier, nettsjinsteande de legere ynkomsten út kontribúsje, mear ôfdrage oan'e KNKB y.f.m. de fergoeding foar de nije direktuer... nee grapke, dat hie te meitsjen mei de peildatum wêroer de ôfdracht berekkene wurdt. Hjirfoar wurdt altyd nei it foargeande jier (T-1 systematyk) sjoen.

Op 'e wedstriden (€ 283) is in posityf resultaat realisearre, dêr't in negatyf resultaat (-€ 1250) begrutte wie. Dit komt foar it grutste part omdat der minder oan prizen útdield is, wylst der wol wat mear stipersjild binnen kommen is. It resultaat op wedstriden is ûnderferdielt yn KNKB (€ 628), federaasje (-€ 55) en leden (-€ 290).

Begrutting 2018

Yn ferbân mei it werom gean nei ien ledegearkomste per jier (krekt as de KNKB) is besletten dat de finansjele- & stipe-kommisje tasjocht op'e begrutting foar de perioade fan 1-1-2018 oant de leden tidens de foarjiersgearkomste de begrutting fêststelt.

Finansjele aksjes

Wy binne as feriening ôfhinklik fan frijwilligers. Neist it ynfoljen fan ien fan de fakatueres, binne der ek oare manieren om by te dragen oan it súkses. By dizze wol ik dan ek graach wer alle leden oproppe om safolle as mooglik mei te helpen oan finansjele aksjes yn 2018. Dat kin betsjutte: mei koeken lâns de doarren, oerstappe nei GEKE en de jierlikse fergoeding hjirfoar (€ 37,50) oermeitsje litte nei de KF, yn desimber stimme (€ 5) op 'e KF mei de Rabo-lede-aksje of bygelyks in kear helpe om fjilden te lizzen (dat is dan wol gjin finansjele aksje, mar it wurdt ek tige wurdearre).

As wy op syn minst it nivo behâlde wolle wat we no ha, sille wy it mei syn allen dwaan moatte!

René Rijpma


“As wy op syn minst it nivo behâlde wolle
 wat we no ha, sille wy it mei syn
 allen dwaan moatte!”



Finansjele posysje en resultaat KF Easterein

Resultaat	Bedrach
Organisaasje	-1.122
Wedstriden	283
Jubileum	0
Totaal	-840

	2004	2005	2006	2007	2008	2009	2010	2011	2012	2013	2014	2015	2016	2017
Kas	64	36	409	137	275	333	311	791	267	754	410	286	737	1.535
Bank	2.345	79	312	427	268	-80	785	1.323	655	650	4.653	492	2.596	1.332
Sparrekken	21.632	16.447	15.943	8.886	11.881	9.000	10.000	10.000	11.500	12.141	9.462	17.069	19.000	20.000
Oerrinnende posten					-190	3.172	2.234	1.184	1.074	-49	1.113	81	-130	2.596
Reservearring											1.300	3.900	6.796	10.896
Eigen fermogen	24.041	16.562	16.664	9.450	12.234	12.424	13.331	13.298	13.495	13.496	14.338	14.028	15.407	14.567
Resultaat	20.991	-7.480	102	-7.214	2.784	190	907	-33	197	0	842	-310	1.378	-840



Eksploitaasjerekken 2017 (bedragen yn Euro)

Saldy	31-12-17	31-12-16	Resultaat	
Kas	1.535	737	798	
Betelrekken NL17 RABO 0349 5019 04	1.332	2.596	-1.264	
Sparrekken NL62 RABO 3495 1248 61	20.000	19.000	1.000	
Oerrinnende posten	2.596	-130	2.726	
Totaal	25.463	22.203	3.260	
Baten	Rekken 2017	Begrutting 2017	Ôfwiking	Rekken 2016
Ynkkomsten partijen	2.273	2.919	-646	2.423
Stipersjilden	12.825	12.350	475	12.652
Kontribúsje	7.925	8.225	-300	8.217
Trainingen (seal/fjild)	1.060	1.500	-440	1.703
Donateurs	589	700	-112	614
Aksjes	5.826	7.060	-1.234	7.088
Subsydzje Gemeente	854	800	54	663
Subsydzje Bydragen	0	0	0	0
Kreditrinte	4	100	-96	29
Keatsclinics	0	400	-400	610
Ferskaat	1.860	2.150	-290	2.566
Totaal	33.215	36.204	-2.989	36.563
Lêsten	Rekken 2017	Begrutting 2017	Ôfwiking	Rekken 2016
Krânsen	1.649	2.245	-597	1.862
Prizen	6.545	7.980	-1.435	7.041
Organisaasjekosten wedstriden	4.088	3.674	414	3.945
Hier sporthal	672	900	-228	680
Hier sportfjilden/wetterskiplêsten	1.181	1.645	-464	615
Trainers	717	875	-158	712
Ferieningskosten	7.032	6.745	287	7.124
Aksjes	2.127	2.495	-368	2.456
Materiaal	5.856	6.940	-1.084	6.780
Federaasje	100	125	-25	175
K.N.K.B.	4.086	3.830	256	3.795
Totaal	34.055	37.454	-3.400	35.185
Resultaat netto	-840	-1.250	410	1.378
Reservearring klean/ballefanger/keatskamp 2017	4.100			
Resultaat bruto	3.260			

Ferklearring kaskommisje 2017

Wy, de kaskommisje, ha tegearre mei René Rijpma, ponghâlder fan keatsferiening Easterein, de boeken kontrolearre. De boeken en finansjele ferslaggen binne ynoarder befûn. Hjirmei geane wy akkoard mei it finansjele ferslach oer it jier 2017 fan de keatsferiening Easterein.

Easterein, jannewaris 2018

De kaskommisje, Tjerk Politiek en Bauke Dijkstra

Taljochting op de eksploitaasjerekken 2017

Baten	Realisaasje t.o.f. Begrutting	Oarsaak fan de ôfwiking
Ynkomsten partijen	€ -646	Minder dielname en dus minder ynlis
Stipersjilden	€ 475	Ekstra stipers
Kontribúsje	€ -300	Minder leden
Trainingen (seal/fjild)	€ -440	Minder dielname oan trainingen
Donateurs	€ -112	
Aksjes	€ -1.234	Minder koeken ferkocht -€ 782 Gjin Poiesz-aksje -€ 750
Subsydzje Gemeente	€ 54	
Subsydzje Bydragen	€ -	
Kreditrinte	€ -96	
Keatsclinics	€ -400	Der binne gjin clinics west
Ferskaat	€ -290	Gjin jild út de kleanreservearring brûkt -€700 Ferhier materiaal +€150 Minder opbringst PR-artikelen -€45 Minder ferhier partytinten -€ 125 Boere PC +€ 400
Totaal	€ -2.989	
Lesten	Realisaasje t.o.f. Begrutting	Oarsaak fan de ôfwiking
Krânsen	€ -597	Minder krânsen
Prizen	€ -1.435	Minder prizen útrikt
Organisatiekosten wedstriiden	€ 414	Priisferheging konsumpsjes SKS+€ 250 BBQ de Jong partij +€150
Hier sporthal	€ -228	
Hier sportfjilden/wetterskiplêsten	€ -464	Minder pacht y.f.m. nije ferdielkaai
Trainers	€ -158	Minder trainerskosten
Ferieningskosten	€ 287	Attinsjes +€ 425 Drukwurk -€ 560 Websidekosten +€ 100 T-shirts keatskamp -€ 50 Ekstra kosten Ald-Meiers € 150 Mear postsegels +€ 100
Aksjes	€ -368	Minder kosten koeken -€ 340
Materiaal	€ -1.084	Minder keatsballen oanskaff €-440 Gjin jild út de kleanreservearring brûkt -€700
Federaasje	€ -25	
K.N.K.B.	€ 256	Hegere ôfdracht foar senioaren
Totaal	€ -3.400	

Keatskamp nûmer 4 tige slagge! Tema: 'Op Reis'

Moandei 24 april, in Skoalleseize fol mei flaggen fan allegear ferskillende lannen. In kleurich en fleurich ge- hiel mei bern dy't stadichoan binnen drippe. Gjinn bern wurdt op dat momint fertroud by de dûane. Tassen iepen, troch de sken en ekstra kontrôle by knisperjende kessens (lês: kessens mei ferstoppe sjijspûden) of by dekbêden fan bepaalde fuotbalklups. Elk bern hat syn plak fûn mei opblaasde luchtbêden, sêfte kessens en foaral folle tassen mei in soad lekkers. It is dúdlik: se binne ree foar it kamp!



Lyk as foarich jier wiene de bonuspunten tidens dizze dagen net oan te slepen. De punten leine sels yn de hannel mei echte 'keatskamp euro's'. Neist de punten dy't se helje koene by trainingen en rekreaasje, wiene sawol de trainers as de bern kreatyf genôch om dêrneist noch ekstra punten te fertsjinjen (of fertsjinje te litten). De groep fan de skoal- jeugd luts oan it langste ein. Sy hiene oan de ein, op woans- dei, de measte punten en stiene dêrom deselde middei noch yn de glêzen bokaal skreaun. Wat in feest!

Wat gong alles moai en hast allegear fansels dit jier. De sinne liet it meastentiids ôfwitte, mar gelokkich hiene we te krijen mei bikkels en it waar foel úteinlik hiel erch mei. Oan de ein fan it kamp hiene we it der fatallich oer mei de lieding, it foel dit jier op dat de bern hast net pypten. Eins hielendal gjin geseur of gejammer. Geweldig sis, we misten it ...hast.

In tige slagge kamp dus. In kamp dat net te organisearjen wie sûnder de help fan in hiel soad hannen. Graach wolle wy jimme allegear tige tank sizze foar dizze help. Foar de trainingen, it motivearjen, sa no en dan bystjoeren, de grap- kes, it fjild lizzen en wer opromjen, it ôfwaskjen, it dwaan fan spontane spultsjes mei de bern, it meitinken, it bakken en in grut poarsje entûsjasje by dit alles. **Top, wy binne der wiis mei!**

Anna, Froukje, Iris en Tineke ha as PR besocht alle aksjes, 'weetjes en roddels' fan alle kampgongers fêst te lizzen. Sy, mar ek wy, hoopje dat jim noch efkes hearlik neigenietsje fan de ferhalen en foto's fan keats- kamp 2017.

Ferslach dei 1: moandei 24 april 2017

Fannemiddei om 1 oere presys, gong it fjirde keatskamp yn Easterein fan start mei it tema 'Op Reis'. De bern moasten, doe't se kamen, mei harren bagaazje troch de dûane. Foar de dûane moasten de reizgers harren flessepost ynleverje foar bonuspunten. Mei de kabouters oan kop begongen sy oan de striid foar de wikselbeker, de skoaljeugd reizgers hiene wat opûnthâld omdat der net genôch flessen insammele wiene. By de dûane die bliken dat der fan alles mei smok- kele waard, wêr ûnder in protte snobbersguod. Neidat de reizgers harren plak fûn hiene yn 'Hotel Skoalleseize', begûn de syktocht nei de nije keatskampshirts.



Wisten jo dat ...
... Siebo gjin sitroen herkent, mar tocht dat dit in ananas wie?
... Imke en Martzen ferslaafd binne oan Cookie dough iis?
... sels yn it donker der net ien yn'e sleat fallen is? Dat Nynke Paauw wol in wiele sok hie?
... Femke hiel goed is yn de mannequin-challenge?
... de kabouters gek binne op Rikkert de Kikkert? Op elk ûnferwacht momint op him ôf fleanen?

Dêrnei wie it tiid om de hannen út de mouwen te stekken en it trainingsfjild op te stappen. Nettsjinsteande it minne waar, stiene der echte bikkels op it fjild te keatsen. Nei de training yn waar en wyn, wie it tiid foar de brûs. Nei in besykje oan de brûs wie it tiid foar de broadsjes mei knakwoarsten! Dit smakke hearlik.



Om sân oere hinne wie it tiid foar de spultsjes! Tommewraksellen, tuorke bouwe, lykwicht spultsje, in priuwspultsje en ta beslút in spultsje wêrby de bern elkoar de sokken út lûke moasten. By dizze spultsjes fleagen de bonuspunten yn it rûn. De bern fan it kamp wiene noch hielendal net wurch, dus doe wie it tiid foar Madagascar 3 mei sjijs en limonade. Om moarn wer fris op it fjild te stean wie it foar de welpen en pupillen tiid om de bêden op te sykjen en de eagen te sluten. De skoaljeugd kaam foar in ferrassing te stean... mei de blyndoek foar de eagen waarden sy dropt. Fanôf Meilehuzen moasten de bern troch lannen en sleaten it paad werom sjen te finen.

Ferslach dei 2: tiisdei 25 april 2017

Dei twa is oanbrutsen, de skoaljeugd is justerjûn wer feilich yn 'Hotel Skoalleseize' werom kaam. Wylst de skoaljeugd fanne moarn betiid alwer in moarnsrin hie, ha de welpen de tafels dekt foar it moarnsbrochje. Ek de kabouters ha fannemoarn wer yntsjekt yn it hotel. Nei it iten wie it tiid om wer te trainen. De trainingen waarden ôfwiksele mei rein en sinne, dêrom hiene we hjoed wat faker skoff. De bern ha wer goed harren bêst dien en de kabouters binne sels oan it koekehappen west. Dit fûnen se machtich. Dêrnei wie it tiid foar in stikje bôle mei wat lekkers.

Nei it iten wie it wer tiid foar de rekreaasje. De bern moasten troch it doarp spultsjes dwaan, hjirby koene se jild fertsjinje foar bonuspunten. Mar dit gong net sa maklik de dûane koe it jild wer ôfpakke troch se te fûllearen, de bern moasten it jild dus goed ferstopje. Yn it shirt, de broek of sels yn de sokken, jo wolle net witte wêr it allegearre siet. Der wiene in soad ferskillende spultsjes sa as, in rûntsje om de tsjerke drave, jild sykje, parkoers ôflizze, big-bag-sek-springe en polsstokspringe. De bern hawwe in soad jild ferlern, mar hiene ek noch in hiele protte oer, wat se hjirnei earlik ferdiele moasten. De rekkenmasine kaam der sels oan te pas. Doe't de bonuspunten ferdield wiene, waarden de trainingsklean wer oanlutsen foar de lêste keatstraining. Twa oeren traine wie in lang ein foar de bern, dêrom wie der sa no en dan in spultsje tusken troch.

Doe wie 't alwer tiid foar de brûs. Dizze foldie sa bêst, dat sels healwei it iten der noch trije famkes ûnder de brûs wei komme moasten. Dêrnei gongen we mei syn allen hearlik smikkeljen fan de, troch de âlders makke, makaroany. Mei in folle

mage en oranje toeten wie it tiid om harren ta te rieden op de bûnte jûn. Dit wie in jûn fol mei leuke toanielstikjes, in kwis, in playbackshow en sels noch in optreden fan twa echte rockstjerren. Dizze jûn einige fansels mei in echte disko dêr't flink dûnse waard. Dit soarge foar wurge fuotten, hjirtroch lutsen ús toeristen harren gau werom yn harren hotelsuite.

Nei dizze twa dagen fan striid om de bonuspunten steane de welpen famkes oan kop. Soene sy dit jier de felbegearde keatskamp bokaal winne?

Ferslach dei 3: woansdei 26 april 2017

De dei begûn betiid foar de lieding. De pupillen, folge troch de welpen, stoarmden mei kessen en al de hotelsuite fan de lieding binnen en in wier kessengefjocht wie begûn. Dit wie it begjin fan alwer de lêste dei fan it keatskamp.

Neidat de kabouters ek wer fris en fruitich yn 'Hotel Skoalleseize' ferskynden, en de skoaljeugd wer werom kaam fan de moarnsrin, koe elkenien oan skowe by it moarnsbrochje. Der waard goed iten, alles moast ommers op, en der stie noch in lange dei mei wedstriden en spultsjes op it programma.

Foar al dit leuks begjinne koe, moasten de reizgers dochs earst de koffer ynpakke en de suite opromje. As dit klear wie, mochten se begjinne mei de spultsjes. Tidens de spultsjes koene der in protte bonuspunten fertsjinne wurde. De bern wiene dan ek hiel fanatyk oan it striden foar de winst.

Dêrnei wie it momint dêr't elkenien it hiele kamp op wachte hie. Tiid om pankoeken te iten. De pankoeken wiene hast net oan te slepen en út ferhalen die bliken dat hast elkenien wol fjouwer pankoeken op iten hat. Mei een folle mage waard der begûn oan de wedstriden. Twa tsjin twa waard der aktyf keatst om de eare.

Doe kamen we dan dochs by de ein fan it keatskamp oan. De âlders streamden sa stadich oan binnen om ús toeristen op te heljen. Foardat de bern útsjekkje koene, krigen se earst harren keatsdiploma en der waard fansels bekend makke wa't de Keatskampbokaal wûn hat. Dêr ha de bern ommers de hiele wike foar striden. De groep dy't wûn hat is:

Skooljeugd!

Al mei al in prachtich einde fan it fjirde keatskamp yn Easterein. In protte lêswille tawinske en dan graach...

Oant takom jier!

Marco, Marije, Sieta en Imke



Fan 'e PR kommisje

We ha wer in prachtich keatsjier efter de rêch mei as PR-hichtepunt de Jong-Feintepartij. De Jong-Feintepartij waard alwer foar de 13e kear organisearre en dizze kear wie it ek nochris skitterend waar. De dei waard dan ek gesellich ôfsluten mei in hapke, drankje en noflikke muzyk.

Wat is d'r bard?

Anke Marije Pompstra en Wilma Sjaarda hawwe besletten om harren stokje binnen de PR oer te dragen oan in oar. Anke Marije har ferfangster is Jetske Sieperda wurden. Dy hâdt har no dwaande mei de redaksje fan de Jong Feintepartij. Foar Wilma Sjaarda har funksje as foarsitter fan de PR kommisje, sykje we noch in ferfanger.

Jetske Sieperda wie al skriuwster binnen de PR en hat dizze funksje oer droegen oan Martine Tiemersma. Wy stelle har graach oan jimme foar:

Sa' t de measten fêst wol witte, is Martine Tiemersma simmerdeis faak sels op de keatsfjilden te finen. Meastentiids om sels te keatsen, mar se fynt it ek leuk om nei it keatsen te sjen en se komt der graach foar de gesellicheid. Se wennet no al 10 jier yn Easterein. Earder wenne se yn Wommels, mar se wie altyd al faak yn Easterein te finen.

Sûnt juny 2017 sit sy yn de PR kommisje fan de KF Easterein, doe hat se it stokje oernommen fan Jetske Sieperda.

Wat stiet d'r te gebeuren?

Trochgeans binne we dwaande om alles op PR gebied draaiende te hâlden, fan krystkaart oant in kompleet programmaboekje, fan ferieningsklean oant KF Toko en fansels helpe we by it organisearjen fan de Jong-Feintepartij.

Kwa nijheden gean we foarrest in rêstich jier temjitte, mar je witte mar nea wat d'r noch wer op ús paad komt. Yn elts gefal sille wy ek it kommand jier mei ús allen wer alles op alles sette om d'r in prachtich nij keatsseizoen fan te meitsjen!

De PR Kommisje,

Wilma, Anke Marije, Akke Jikke, Froukje, Jetske, Greet en Martine



Krystkaart 2017

Nije opset
programmabookje

Woansdei 26 july 2017: de 13e Jong-Feintepartij

Jurre Seerden, Allard Hoekstra en Marco de Groot ha foar Frjentsjer de Jong-Feintepartij wûn. Yn de finale waard it partoer fan Seisbierrum-Pitersbierrum mei de keatsers Durk Ennema, Pieter van der Schoot en Joran Gerbranda mei 5-3:6-6 ferslein. Op dizze stân slacht Allard in tuskenynse bal dy't Joran tsjin de fuotten fan Pieter oan slacht en sa wint Frjentsjer de 13e edysje fan dizze spesjale junioaren ôfdielingswedstriid.

Frjentsjer wie earder súksesfol op de Jong-Feintepartij. Yn 2005 wûn Frjentsjer in 3e priis, yn 2011 in 1e priis en yn 2014 ferlearen se de finale fan Seisbierrum-Pitersbierrum mei 5-5:6-6.



Dizze 13e edysje waard der ek wer moai keatst en folop foar de prizen striden. Op de list stiene 25 partoeren, 3 debutanten (Mantgum, Spannum en Ljouwert) en 9 PC keatsers. It waar wie prachtich en we ha dit jier in drone útteste kinnen boppe de fjilden.

Frjentsjer is de dei begongen tsjin Sint Jabik (0-5:6-6) en komt dêrnei Minnertsgea tsjin op de twadde list (4-5:2-6). Op de tredde list in steand nûmer en in plakje yn'e heale finale. Yn de heale finale treffe se it partoer fan Winsum en ek foar dizze keatsers binne se te sterk. It wurdt 5-1:6-4.

Seisbierrum-Pitersbierrum wûn op de earste list fan Bertsum nei in spannende partij (5-5:6-6). Op de twadde list treffe se Jelsum-Koarnjum-Britsum (5-0:6-0). Op de tredde list wer in flotte oerwinning mei 0-5:0-6 tsjin Bitgum. Yn de heale finale komme se tsjinoer it partoer fan Menaem. Dit winne se mei 5-2:6-4 en komme sa yn de finale.

Yn de finale wurdt der om de punten keatst. In protte keatsen en dy wurde om en om pakt. Op 1-2:6-6 slacht Allard op en kin hy de bal sels foar de keats werom slaan en it wurdt spullen gelyk. Fanôf dan giet Frjentsjer troch en nimt in 4-2 foarsprong. Seisbierrum-Pitersbierrum bliuwt striden en pakt nei in flot earst en in prachtich tuskenspul 4-3. Troch wat opslachflaters komt Frjentsjer op in 4-3:6-2 foarsprong en pakt op 4-3:6-4 de 5 earsten troch de bal yn it perk te retoernearjen. Op in spannende stân fan 5-3:6-6 bringt Allard de bal tuskenyn en dêr einiget de striid foar Seisbierrum-Pitersbierrum.

Tredde prizen wiene der foar Winsum mei: Hessel Postma, Wessel Hilverda en Evert Pieter Tolsma en foar Menaem mei: Youri de Groot, Tom Gerard Cats en Tycho de Groot.

PRIISWINNERS JONG-FEINTEPARTIJ 2017

1. Frjentsjer

Jurre Seerden, Allard Hoekstra en Marco de Groot

2. Seisbierrum-Pitersbierrum

Durk Ennema, Pieter van der Schoot en Joran Gerbranda

3. Winsum

Hessel Postma, Wessel Hilverda en Evert Pieter Tolsma

3. Menaem

Youri de Groot, Tom Gerard Cats en Tycho de Groot



'Hans fs Liesbeth'

Hy gûchelet mei kompjûters en roasters op it Bogerman Kollege yn Snits, sy wurket ek yn Snits mar dan mei medisinen yn it Antonius Sikehûs. Hy is 51, sy 36, hy hâldt fan rinnen yn it lân op syk nei aaien, sy rint leaver op in ferhurde dyk en sjocht net op of om nei in fûgel. Hy bokst, sy folleyballet, mar wat se gemien hawwe? Gek fan it spultsje mei it lytse baltsje, it keatsbaltsje wol te ferstean. Beide al jierren lang frijwilliger foar de KF Easterein, dit jier stappe se tagelyk út de jeugdkommisje, omdat harren perioade der op sit.

Wolle jim ek ff in stikje der oer skriuwe foar it jierferslach wurdt ús frege troch Wilma fia de mail. Tsja...

Do ff?? appt Hans my werom.

Lêst de LINDA. wolris? freegje ik Hans.

Nee hoesa, spannende ferhalen? krij ik werom.

Haha, it is de keatsferiening hê Hans app ik werom, mar we meitsje der wol wat leuks fan...



Dus Hans, ik sil dy en de oare lêzers earst efkes útlizze wat ik der mei bedoelde, it tydskrift de LINDA. of hast wyls sels al 1 kocht?

H: Spitigernôch, dy bêste Sinteklaas hat my oerslein dit jier.

L: Yn elke LINDA. (ja ydd fan Linda de Mol) stiet in petear mei 2 minsken, mei (fyn ik) in leuke manier fan fraach en antwurd jaan en tegearre mei wat leuke foto's mei ik dat altyd graach lêze.

Mar fertel, hast ek twivele om noch in perioade troch te gean yn de JK?

H: Ja seker ha ik twivele, mar ik sil altyd wol belutsen bliuwe by it keatsen yn Easterein. Mar ik ha gjin bern mear by de jeugdkategory, dus dêrom binne je no wol oars belutsen by de jeugd. It is no wer tiid foar oare dingen.

L: Ik ha ek seker twivele, we ha de bern beide op keatsen, dus dêrtroch binne je ek in soad belutsen by de feriening. We ha in leuke kommisje en it is ek altyd wer dreech om nije minsken te finen. Dochs ha ik de knoop troch hakt om der út te gean. Tiid foar wer oare dingen, al sil ik hooplik noch

hieltyd in soad op de keatsfjilden te finen wêze. As mem, as frijwilliger en wa wit sels ek wer wat aktyf.

As ik oan dy en de KF tink, sjoch ik dy foaral oer it fjild rinnen mei de line kroade yn de hannen. Hoe folle jier hast no út-einlik belutsen west by de KF?

H: Euh... ff rekkenje... 17 jier bestjoerlik, mar as frijwilliger? Gjin idee, Jacco is no 22 jier, ik wie al oan it perklizzen doe't hy noch yn de bernwein lei. De mikrofoan yn de bernwein, de boksen bûten oan de âlde kantine. Dat wie myn oppas. As Jacco wekker waard, koe elts dat op it fjild ek fuort hearre. Yn it haadbestjoer ha ik 2x 6 jier in sit hân as fjilden- en materialeman. Dêrnei Skoalleseize, Oranjeferiening, Fûgelwacht en doe wer 5 jier yn de JK. Wêrfan 3 jier foarsitter mei in sit yn it HB en de lêste 2 jier as sekretaris fan de JK.

L: Ik ha sels earst 4 jier jeugdkommisje dien, dêrnei 5 jier wedstriidsaken yn it haadbestjoer, 1 jier pauze en dêrnei wer 5 jier jeugdkommisje. Bêst lang fyn ik sels, mar sa fielt it eins net. Prachtige tiid hân, in soad leard en in soad nije minsken kennen leard.

Werom sjen is eins foar âlde minsken fynst ek net, dochs woe ik dy freegje, wat is dyn moaiste oantinken oan dy tiid ast sa werom sjochst op al dy jierren?

H: De tiid yn de JK ha ik prachtich fûn, moai bestjoer. Gesellich, soad wille, kritysk mar rjochtfeardich. Elkoar wat skerp hâlde. Mar foaral de wille mei elkoar en de bern dy't foarop steane.

L: Eins fyn ik dit sels wol in lestige fraach... mar ik tink dochs myn earste tiid yn it haadbestjoer. Folle krêft foarút yn dy jierren, ambisjeus bestjoer, we hiene in hiele goeie gearwurking mei elkoar en we fersterkten elkoar. De ien noch entûsjaster as de oar. Mar foaral ek in soad minsken op in oare en leuke manier kennen leard. Sawol yn Easterein as yn keatsend Fryslân.

Wat is dyn eigen sportyf keats-hichtepunt?

H: No komt it hear.... it winnen fan de Okkema partij yn 2016. Mei Abe Jan Stegenga en Klaas Kamstra. In dream dy't útkaam. Dy partij wolle je as Easteiner graach in kear winne. Mear kin ik der eins net oer fertelle, it wie in machtige dei!!

L: Ik keatste eartiids yn Wommels altyd mei myn freoninne Margriet Adema. In prachtige tiid. We hiene in leuke famkesgroep by de KNKB. Hiel keatsend Fryslân troch by Chiel Hiemstra op de achterbank fan de Opel Vectra. Tusken de hûnehierren, knuffels fan de Hearrenfean Flyers en Pigmeat út de boksen. We ha 2x in 3e priis wûn op de bûnspartij. Margriet en ik helje tegearre noch faak oantinkens op út dy tiid. Machtich!

Sûnt ferline jier kin ik no ek sizze dat ik alle moaie partijen yn Easterein in kear wûn ha, it feestkeatsen, de Okkema partij en dan no, lang om let yn 2016, ek it pearkekeatsen. Ha wy doe net fan dy en Dieuwke wûn Hans?

Mar ik kin ek mis wêze hear.

Hans syn ûnthâld lit him hjir ek wat yn de steek. We litte it mar efkes yn de midden...

En wat silst no allegear dwaan mei dyn frije tiid Hans?

H: Frije tiid?? Wat is dat? Ik sil my absolút net ferfele, bin noch wol aktyf yn oare bestjoeren. Draai noch bartsjinsten yn de Skoalleseize. Frije tiid ha je noait te folle.

Bin in echt 'frijwilligerswurk minsk' en fyn it ek belangryk dat âlders belutsen binne by de feriening fan harren bern. Ik helje bygelyks sa no en dan âld papier op, omdat Sydrik by it korps sit. Dat heart der by fyn ik. Sûnder frijwilligers kin net in feriening bestean!

L: Dêr slút ik my hielendal by oan Hans. We meie bliid wêze dat ús bern sporte of oare hobby's útfiere kinne yn eigen doarp. En dat moat foaral sa bliuwe!

No noch in foto derby en dan is it wol wat fynst ek net? Meitsje we der in orizjinele ôfsluter fan, ik hjit úteinlik ek Bootsma no..:-)

We sitte yn de bestjoerskeamer fan de skoalleseize en Hans wol al bûten oer de kop oer it stek hingje yn de kjeld. It is ek noch mistich bûten en dat jout in leuk effekt. Om my hoecht it net sa mâl, ik fiel de boerekoal al omheech kommen, mar Hans is los. We beslute om efkes yn it materialehok te strunen foar wat orizjineels.

Dêr hear ik foar it earst it mystearje fan de griene knop. Fan de 20 oanmerkstokken dy't der yn it hok stean ha der 19 in swarte knop en 1 in griene knop. In grapke, in knypeach fan de makker en ferver fan de stokken. Hans do? Hy laket wat, ik wit genôch....

En omdat in 'selfie' meitsje mei in stok foar je eagen bêst lestich is, ferjitte we de griene knop der hielendal op te setten. Fan't simmer op it fjild mar efkes goed der om tinke ...

En sa app ik Wilma oan de ein fan it jier 2017 dat it ferslach der oan komt. En de foto's. En dat ik hoopje dat se it wat fine foar it jierferslach en dat de foto's foar publikaasje geskikt binne. Sa net, wy ha wer in moaie jûn 'frijwilligerswurk' fan de KF derop sitten!

Groetnis,

Hans Kooistra en Liesbeth Bootsma



Wedstriidferslaggen

LEDEWEDSTRIDEN

27-04-2017: Keningsdeipartij – Oranje & Heitelân

De kâldste Keningsdei (Keninginnedei) sûnt 20 jier! Dat soe bikkelfen wurde hjoed! De spieren waarden goed opwaarme sadat om 10.30 oere it earste baltsje fan it seizoen wer slein wurde koe. Nettsjinsteande de net al te bêste waarfoarsizzing, wie it hast de hiele dei droech, op ien fiks hagelbuike nei. Der stie in lekker fris wyntsje wat in ferskeidenheid oan keatsoutfits sjen liet: fan t-shirts mei koarte mouwen oant mutsen en fan koarte broeken oant leggings ûnder de trainingsbroek. De ien hie wat mear nedich as de oar om op temperatuer te bliuwen. De, yn totaal, 44 keats(t)ers wiene oer 3 klassen ferdield: manlju A, manlju B en froulju.

By de A manlju 4 twatallen yn ien poule. 2 Partoeren stutsen der wol echt boppe út, sy stiene yn de lêste partij tsjinoer mekoar en moasten yn dy striid útmeitsje wa't mei de krânsen nei hús gean soene. Dit waard in reedlik maklik proai foar Doede Rients Okkema en Jan Schurer troch te winnen mei 5-1:6-2 fan Danny Roos en Robert Sijbesma. Yn de B klasse manlju wie der in moaie list fan 8 partoeren. De finale yn de ferliezersronde waard wûn troch Jan Vellinga, Douwe Durk Reitsma en Jan Bouke Bouma mei 5-3:6-6 fan Harm Auke Dijkstra en Tjerk Terpstra.

Yn de winnersronde kamen Marco Reijnhoudt, Hendrik Okkema en Tom Veldman yn de finale tsjinoer Hans Kooistra, Jorrit Veldman en Martin Overal te stean. Marco c.s. wûnen mei 5-2:6-6 en gongen der mei de earehage fan troch.

De froulju wiene oan mekoar weage en hjirtroch wie it oant it lêste momint ta spannend wa't de krânsen pakke soene.

Mei it saneamde 'Snitser poule-systeem' kaam it tafallich sa út dat de bêste 2 partoeren yn de lêste omloop mekoar troffen. Op dat stuit, nei twa omlopen, hiene Janieke Dijkstra en Petra Jellema 14 punten, Marije Hiemstra, Jitske Veldman en Yvonne Terpstra kamen ta 12 punten. Nei in foarsprong foar Janieke c.s. wûnen Marije c.s. de partij mei 5-5:6-2. Omdat se eksakt itselde oantal punten hiene moasten de tsjin-earsten útslútsel jaan. Dit foel út yn it foardiel fan Janieke en Petra mei in ferskil fan 2 tsjin-earsten. Dêrmei dus de krânsen foar Janieke en Petra en in 2e priis foar Marije H., Jitske V. en Yvonne.

Nei't we om healwei 4-en alles oan kant hiene, waarden de prizen útrikt ûnder lieding fan foarsitter Dirk-Yde mei syn 2 assistinten René en Wilma.

Mei tank oan ús stiper Oranjeferiening Oranje & Heitelân koe de neisit mei in hapke, drankje en gesellige muzyk los gean!

A klasse manlju

1e priis: Doede Rients Okkema
Jan Schurer

2e priis: Danny Roos
Robert Sijbesma

B klasse manlju

1e priis: Marco Reijnhoudt
Hendrik Okkema
Tom Veldman

2e priis: Hans Kooistra
Jorrit Veldman
Martin Overal



1e priis ferl: Jan Vellinga
 Douwe Durk Reitsma
 Jan Bouke Bouma
 2e priis ferl: Harm Auke Dijkstra
 Tjerk Terpstra

Froulju

1e priis: Janieke Dijkstra
 Petra Jellema
 2e priis: Marije Hiemstra
 Jitske Veldman
 Yvonne Terpstra

10-05-2017: Ledepartij jeugd

Tradisjoneel altyd de earste keatspartij fan it jier, de Kniplokaeltsje partij op in woansdeitemiddei yn maaie. Yn totaal 50 berne keatsers aktyf op dizze prachtige sinnige, wynstille en droege middei. Ideaal keatswaar om útein te setten dus!

Bliid binne we mei in soad nije kabouters op 'e list, sy keatsten hjoed dan ek harren earste echte wedstriid. 6 Twatallen en elkenien 3x keatse, dêrnei de earsten telle en dan wie dit de útslach:

1e priis: Pieter Age van der Weide en Marrit van der Weij
 2e priis: Sybrecht Overall en Fenne Sijbesma
 3e priis: Nynke Velzen en Pytrik Ynema



By de welpen hiene we 14 bern op de list, in soad trochstream fanút de kabouters, dus alle kabouters dy't harren hjoed net yn de prizen keatst hiene, krigen in moaie medalje as oantinken mei nei hûs. Moai om te sjen hoe grutsk as se alle 12 wiene!

Foar harren de earste wedstriid mei de echte keatsspulrigels. En dat is betiden bêst efkes wenne. Wa moat opslaan, foar bêst, foar minst, reade blokjes, wite blokjes, ruije of dochs net ruije... We hiene de list mei 6 partoeren fan twa- en trije-tallen sa makke dat alle welpen 3x keatse koene. Mei it motto "aldoende leert men"...

De prizen wiene hjoed foar:

1e priis: Jorrit Stap, Sander Velzen en Eelkje de Jong
 2e priis: Fianne Dijkstra en Jarno van der Weij
 3e priis: Tjitske Joustra en Brecht Stegenga



De measte pupillen ha al wat mear ûnderfining mei in wedstriid keatse. Yn totaal hiene harren 11 pupillen opjûn foar hjoed. Lokkich hiene we Tiemen de Groot ree fûn om hjoed, yn stee fan by de skoaljonges, by de pupillen mei te dwaan, sadat we sawol by de pupillen as by de skoaljeugd 14-16 jier, 2 moaie listen fan 12 keatsers meitsje koene. Hjir foar noch tank Tiemen!

12 keatsers makket 1 moaie poule fan 4 trijetallen en it lot makke der op papier 4 moaie lykwaardige partoeren fan.

De prizen wiene hjoed foar:

1e priis: Arjen Stremmer, Marije Zijlstra en Berend Santma
 2e priis: Redmer Stegenga, Liset Sijbesma en Nyka Ottens

Om 17.00 oere, as guon bern 'haasje repje' út skoalle fyfst binne, kinne de skoaljeugd en de jonges/famkes 14-16 jier ek los. By mekoar yn 1 poule makke in moaie poule fan 4 trijetallen. De jeugd hat it altyd tige gesellich mei mekoar en nei 2 omlopen wurdt der faak mei syn allen efkes lúks dinearre yn de foarm fan in patatsje. De finale waard in echte finale mei alles oan de hang. It wie al skimerich doe't de lêste slach slein waard.

De prizen wiene hjoed foar:

1e priis: Selma de Boer, Nynke Paauw en Jelmer Brouwer
 2e priis: Rutger Wiersma, Rutger Sijbesma en Siebo Boersma

Alle frijwilligers wer tige tank foar jim hulp. Sawol op en om it fjild as efter de bar en efter de skermen. Fansels spesjale tank oan ús stiper fan hjoed: kapsalon 't Kniplokaeltsje út Easterein.

21-05-2017: Ledepartij senioaren

Mei prachtich waar hiene we hjoed in lede-partij foar de senioaren. Spitigernôch wie der net al te folle opjefte, mar

de wille wie der perfoast net minder om. It wie in gesellige keatserij. De manlju (én Judy Bergsma) keatsten yn twa- en trijetallen yn 2 poules fan 3 partoeren. De froulju keatsten mei de sêfte bal yn trije twatallen.

By de manlju it saneamde 'Snitser systeem', hjirby keatst poule A tsjin poule B. Nei 3 omlopen foelen de 2 bêste partoeren kwa foarearsten yn de prizen. De krânsen wiene foar Peter Stuiver, Abe Jan Stegenga en Eppie Heins (3x winst).

De 2e priis wie foar Douwe Durk Reitsma en Judy Bergsma, sy ferlearen harren earste wedstriid mar de oare twa koene se winnend ôfslute. Hans Kooistra en Tom Couperus hiene ek 2 wedstriden wûn en hiene itselde oantal foarearsten sadat de tsjinearsten de beslissing brochten yn it foardiel fan Douwe Durk en Judy, sy hiene 11 tsjinearsten en Hans en Tom 13 tsjinearsten.

De 3e omloop by de froulju gong tusken Petra Jellema/ Yvonne Terpstra en Sieta Tessemaker/Klaske Plantinga. Beide partoeren hiene harren earste wedstriid wûn. Nei in spannende striid gongen de krânsen nei Sieta en Klaske. Sy wûnen mei 5-4:6-6.

1e priis manlju:

Peter Stuiver
Abe Jan Stegenga
Eppie Heins

2e priis manlju:

Douwe Durk Reitsma
Judy Bergsma

1e priis froulju:

Sieta Tessemaker
Klaske Plantinga

Om goed 17.30 oere koene de prizen útrikt wurde troch Wilma (mei hulp fan Karin en Femke) en koe elts noch efkes lekker genietsje fan it sintsje en in hapke en drankje.

Tank oan elts foar de hulp foar, tidens en nei de wedstriid!
Fansels tank oan alle stipers fan de KFI



04-06-2017: Pearkekeatsen

Lyk as oare jierren stie op earste pinksterdei it pearkekeatsen op ús aginda. Mei prachtich waar waard der om raak keatst, mei in protte spannende en lange keatspartijen.

A-klasse

Yn de A-klasse waard der keatst yn 2 poules fan 3 partoeren neffens it saneamde 'Snitser-systeem', wêrby elts partoer in kear keatst tsjin de partoeren út de oare poule. Dêrtroch kin eltsenien 3 kear keatse en hoecht der net ien te wachtsjen. De winst gong úteinlik nei de titelferdigeners fan ferline jier, Jetske Sieperda en Marten Faber. Sy wûnen harren earste wedstriid fan Tessa Booms en Doede Rients Okkema mei 5-5:6-4. De twadde partij gong in stik makliker mei 5-1:6-2 tsjin Sanne Rixt Jorritsma en Rémon Bouma.

Yn de lêste wedstriid moast de beslissing falle, want ek Wiepkje Hiemstra en Robert Sybesma wûnen harren earste 2 wedstriden tsjin respektivelik Sanne Rixt en Rémon (5-4:6-6) en Janieke Dijkstra en Tjeerd Dijkstra (5-6:6-2). In tige spannende striid dus, dy't úteinlik beslist waard yn it foardiel fan Jetske en Marten. Sy keatsen harren lêste wedstriid tsjin Janieke en Tjeerd en krigen minder earsten tsjin (5-3:6-6) dan Wiepkje en Robert (5-4:6-2 winst tsjin Tessa en Doede Rients).

B-klasse

Yn de B-klasse hiene we in moaie list mei 11 partoeren. Yn de ferliezersronde wiene de prizen foar it pearke Dieuwke en Hans Kooistra (1e) en Sieta Tessemaker en Peter Stuiver (2e). Yn dizze finale like it in iensidige striid te wurden yn it foardiel fan Dieuwke en Hans. Mar as echte 'diesels' kamen Sieta en Peter hieltiten mear yn de partij mar moasten dochts belies jaan op 5-5:4-6.

Yn de winnersronde wie de tredde priis foar Petra Jellema en Sipke Hiemstra. Yn de heale finale ferlearen sy fan de lettere preemje winners Hiltse en Hotze Jellema mei 5-4:6-2. De finale waard in tige spannende striid tusken Hiltse en Hotze oan de iene kant en Vera de Vries en Harm Auke Dijkstra oan de oare kant. De lêste slach foel op 5-5:6-4.



C-klasse

Yn de C-klasse waard der keatst yn in poule fan 4 partoeren, dy't allegearre in kear tsjin elkoar oantrede mochten. Der wie úteinlik 1 partoer mei 3 winstpartijen en dat wiene Klaske Plantinga en Jan Bouke Bouma. Sy gongen dus mei de krânse om de nekke nei hûs. De twadde priis wie foar Mirjam en Hendrik Okkema.

De priiswinners:

A klasse:

1e priis: Marten Faber en Jetske Sieperda

2e priis: Robert Sijbesma en Wiepkje Hiemstra

B klasse:

1e priis: Harm Auke Dijkstra en Vera de Vries

2e priis: Hotze Jellema en Hiltse Jellema

3e priis: Sipke Hiemstra en Petra Jellema

1e priis ferl.: Hans Kooistra en Dieuwke Kooistra

2e priis ferl.: Peter Stuiver en Sieta Tessemaker

C klasse:

1e priis: Jan Bouke Bouma en Klaske Plantinga

2e priis: Hendrik Okkema en Mirjam Okkema

14-06-2017: Ledepartij jeugd

In wike lyn by it skoalkeatsen noch mei de winterjas oan op it keatsfjild en hjoed koene we lokkich lekker yn de koarte broek en it t-shirt keatse. Hearlik! En sa heart it eins ek by it keatsen. Nei in lange keatsmiddei en -jûn gongen dizze bern grutsk mei de prizen nei hûs.



Kabouters:

1e priis: Sybrecht Overal en Sanne Frouk Dijkstra

2e priis: Nynke Velzen en Femke Paauw

3e priis: Bauke Jan Dijkstra en Pytrik Ynema

Welpen:

1e priis: Jorn Hiemstra en Theunis Ynema

2e priis: Fianne Dijkstra en Eelkje de Jong

3e priis: Sander Velzen en Brecht Stegenga

Pupillen:

1e priis: Redmer Stegenga en Nyka Ottens

2e priis: Judith van der Weerd en Senay Sixma

3e priis: Arjen Stremier, Anke Blanksma en Ridzert Veldman

Skooljeugd + Jonges en Famkes:

1e priis: Kees van der Horst en Thijs Janssen

2e priis: Rutger Wiersma, Halbe Willem Overal en Tessa Ottens

3e priis: Redmer Wiersma en Siebo Boersma

16-06-2017: Ledepartij senioaren

In partij op freedtejûn like ús wol wat, miskien mear dielname sadat elts net in hiele sneon of snein ûnder de pannen is op it keatsfjild. Mar spifigernôch, de opkomst wie net grut: 18 keats(t)ers. Dêrom hawwe we de manlju en froulju troch inoar lotte sadat der dochs noch 3 ferskillende listen komme koene. It mocht de 'pret' net drukke, guon keats(t)ers flanden fannejûn en oare keatsers hiene it wat dreger. Mar al mei al in sportive keatserij mei somtiden tige flotte partijen. It like wol of wiene de mannen wat ûnder de yndruk fan de goed keatsende froulju.

Mattie en Wilma hiene betocht om alle wedstriden mei in earst gelyk te begjinnen om seker te wêzen dat de keatserij foar it donker klear wêze soe. No dat slagge maklik! De keats(t)ers ha goed harke... (seine se sels). Want om goed 21.30 oere koene de prizen al útrikt wurde.

Dit wiene de priiswinners:

A maten:

1e priis: Robert Sijbesma (21 foar - 5 tsjin)

2e priis: Bote Jellema (21 foar - 7 tsjin)

B maten:

1e priis: Judy Bergsma (21 foar - 5 tsjin)

2e priis: Sipke Hiemstra (16 foar - 15 tsjin)

C maten:

1e priis: Eefje Hiemstra (21 foar - 7 tsjin)

2e priis: Gep Bakker (18 foar - 8 tsjin)



09-07-2017: Teatsen

Snein 9 july wie, yn gearwurking mei tenniseriening Smash, de teatswedstriid. Mei 6 partoeren binne we om 14.00 oere los gongen.

Mei in racket keatse, en dan foaral opslaan, foel foar guon keatsers net altyd mei. Der waard dan ek wol gauris bûten slein. De bal mocht ek net yn ien kear boppe slein wurde en as je it racket efter de bal oan goaiden om dochts de bal noch te kearen, wiene je de punten ek kwyt.

Mei it moaie simmerwaar waard it in hiele moaie sportive middei. Der waarden trije listen ferkeatst wat betsjutte dat je eltse kear in oare maat hiene. Nei dizze trije listen waarden de punten opteld en wiene de priiswinners bekend.



A klasse:

1e priis: Marten Faber
2e priis: Anne Marije de Jager

B klasse:

1e priis: Jan Bauke Bouma
2e priis: Petra Jellema

De 'Poedelpriis' wie foar Jacqueline Buma en Sieta Tesselmaker. De tenniseriening hie dizze kear de prizen fersoarge, hjirfoar noch hertlik tank!

15-07-2017: Ledepartij jeugd

Foardat elkenien yn de grutte fakânsje wer de koffers pakt en op reis giet, koe der troch de bern noch krekt efkes keatst wurde yn Easterein. Omdat in soad âlders ek frij wiene, wie it in gesellige drokte op it fjild. Lekker yn it sintsjie mei in bakje kofje fan Anny en Tinie, it koe net better... ek ús oare frijwilligers wer tige tank foar jim hulp, grutte klasse!



De útslaggen koene sa nei de parse stjoerd wurde:

Kabouters:

1e priis: Tiemen Santema en Fenne Sijbesma

Welpen:

1e priis: Jorn Hiemstra en Tjitske Joustra

Pupillen:

1e priis: Liset Sijbesma en Senay Sixma

Skoaljeugd / Jonges & Famkes:

1e priis: Arjen Stremmer, Redmer Stegenga en Thijs Janssen

02-09-2017: Nachtkeatsen senioaren

Wat in prachtich waar hiene we tidens ús jierlikse nachtkeatspartij, gjin wyn, droech en in prima temperatuer. Troch in protte(buert)feestjes yn it doarp wie de opkomst net al te grut, mar dêr wie de wille net minder om, der waard fanatyk, gesellich en sportyf keatst.

Troch in lette oanmelding (Harm Dijkstra) moasten we earst efkes wat skowe yn de partoeren. Mei yn totaal 15 opjettes, ferdield oer 6 partoeren, koene we presys om 21.00 oere los. Nei in flotte earste omloop begong de 2e omloop al om 22.15 oere. Omdat Mattie yn de 1e omloop lêst krige fan in ferfelende spier yn de boppeskonk moasten we op 'e nij de partoeren hjir en dêr wat wizigje.

Yn de 2e omloop in tige spannende partij tusken Christian Hoekstra / Tom Couperus en Wietse Vink / Petra Jellema, it waard 'alles oan 'e hang'. De striid waard eintsjebeslút beslist yn it foardiel fan Wietse en Petra.

Troch dizze lange partij hiene de oare keats(t)ers alle tiid om op adem te kommen mei in hearlik bakje sop en broadsjes.

Rûn 23.45 oere koe elts har klearmeitsje foar de beslissende 3e omloop. Hjiryn in wiere finale omdat it lot bepaald hie dat de A-maten Tjeerd Dijkstra en Wietse Vink tsjin mekoar

moasten. Beide mannen hiene de earste 2 partijen wûn. A-maat Rémon Bouma hie de foargeande 2 partijen wûn en wie hjirtroch ek noch folop yn de striid om de earehage.

Nei ek winst yn syn 3e partij wie de krânse foar de "alleskunner" Wietse Vink, gjin bal wie him tabetroud! De 2e priis wie foar Rémon Bouma, hy ferlear, lykas Tjeerd Dijkstra de lêste partij. Mar trochdat Rémon mear earsten foar hie, foel hy yn de prizen.

By de B-maten koe it ek noch alle kanten út, Petra Jellema en Jan Bauke Bouma hiene beide partijen wûn en hiene de measte kâns om de krânse te winnen. De krânse wie eintsje-beslút foar Jan Bauke Bouma, hy wûn ek syn 3e partij. Tom Couperus wûn de 2e priis, hy ferlear ien wedstriid mei 5-5:6-6 mar wûn beide oare partijen.

Neidat it fjild wer hielendal oan kant wie, mei tank oan de keats(t)ers!, koene Mattie en Wilma foar 01.00 oere de prizen útrikke en wie der tiid foar in hapke en snapke. It fanatike keatsen hie, benammen foar Jorrit Veldman, in neidiel: hy krige nei de tiid sa'n kramp yn de hamstring dat we tochten dat hy der yn hingjen bliuwe soe. Nei 10 minuten de boel goed oprekke koe Jorrit alle kanten wer út!

A maat:

1e priis Wietse Vink (21 foar - 11 tsjin)


2e priis Rémon Bouma (18 foar - 9 tsjin)

B maat:

1e priis Jan Bauke Bouma (21 foar - 9 tsjin)

2e priis Tom Couperus (19 foar - 10 tsjin)

Tige tank oan de stipers fan KF Easterein foar it mei mooglik meitsjen fan de altyd gesellige nachtkeatserij!



08-09-2017: Nachtkeatsen jeugd

Nachtkeatsen is eins wol de leukste ledepartij fan it keatsseizoen. De jûn begjint mei patat en in frikandel, dêrnei wurdt der keatst mei in grutte bal op it fjild dêr't it hieltyd mar donkerder wurdt. Om it grutte fjild hinne geane de grutte lampen oan en je meie fansels ek noch let op bêd. Altyd in grut súkses!

De opjefte wie dan ek goed, dus alle yngrediïnten om mei syn allen it keatsseizoen 2017 op in leuke manier ôf te sluten. Mar der is ien ding dat je as jeugdkommisje net yn de hân hawwe en dat is it waar.....

De hiele wike kaam it al mei bakken út de loft en de berjochten foar de freedtejûn wiene ek net hoopfol. Dus de jeugdkommisje koe spifigernôch net oars as beslisse om in alternatyf programma te organisearjen. Foar elkenien bale, mar it wie net oars.



De patat met de frikandel bliuwde op it programma stean en dêrnei wie der in bingo en wat oare spultjes mei leuke prizen. As ôfsluter wie der sjips, borrelnuten en it útrikken fan de kompetysjepriizen fan 2017. En dat wie dan alwer de ein fan it keatsseizoen 2017.

10-09-2017: Slotwedstriid

Snein, 10 septimber, ha we foar de twadde kear de slotwedstriid organisearre mei as ôfsluting in barbecue. Omdat der yn it neijier gjin ledegearkomste mear is, like it ús in moaie gelegenheid om dizze dei dan ek de huldgingen te dwaan. Past goed by de sfear dy't we ha woene op dizze dei.

Der waard keatst yn ien klasse, de froulju en manlju troch elkoar. Trije kear in oare list betsjut trije kear oare maten en tsjinstanners. Elkenien is dan ûngefear tagelyk út en dan kin it feest begjinne.

By de ynlis foar it keatsen en iten waard in formulierke oerlange dêr't elk in namme opskriuwe koe fan dyjinge dy't hy of sy de titel 'keatser fan it jier' jaan woe. Oan de ein fan de dei soe dan bekend makke wurde wa't mei dizze titel nei hûs gean soe.

Yn de trije omlopen koene stroaiprizen wûn wurde. Der waard hurd striden om dizze prizen binnen te slepen. Foar de earste boppeslach, sitbal, foarbal en sa. Om de útdaging noch wat grutter te meitsjen moast der bygelyks nei in winnende slach kopketûmele wurde of om de kweapeal draafd wurde. De wedstriidlieding wie kreatyf yn it betinken fan de opdrachten.

Nei de trije omlopen kamen ûndersteande keatsers as priis-winners út de list.

A klasse:

1e priis: Marije Hiemstra (21 foar - 10 tsjin)
2e priis: Dirk-Yde Sjaarda (21 foar - 14 tsjin)
3e priis: Ype Tiemersma (19 foar - 12 tsjin)

B klasse:

1e priis: Selma de Boer (18 foar - 13 tsjin)
2e priis: Janieke Dijkstra (17 foar - 11 tsjin)
3e priis: Hendrik Okkema (16 foar - 12 tsjin)

C klasse:

1e priis: Jan Bouke Bouma (21 foar - 8 tsjin)
2e priis: Gep Bakker (21 foar - 9 tsjin)
3e priis: Jelle de Boer (21 foar - 12 tsjin)

Nei de priisútrikking hat Mattie de kompetysjepriizen útrikt. De winners fan ferline jier krigen in mok as oantinken en nei in fotomomint kamen de winners fan 2017 oan bar. De wikselbekers binne nei de ûndersteande keats(t)ers gongen:

Manlju:

1e priis: Christian Hoekstra
2e priis: Simon Kingma
3e priis: Tymen Dijkstra

Froulju:

1e priis: Petra Jellema
2e priis: Eefje Hiemstra
3e priis: Klaske Plantinga



Dirk-Yde naam hjirnei it wurd wer oer en hat in moai ferhaaltsje oer de súksessen en memorabele mominten fan de keatsferiening fan 2017 hâlden. Jan Bouke Bouma en Yde Sjaarda waarden efkes yn it sintsje setten. Sy ha in attinsje krigen foar harren ynset as lûdsmuzyk-, hynder-, en/of weinman. Sy komme yn aksje as der wer in priis wûn wurdt, it hynder fan stâl moat en der muzyk spile wurde moat om de winners troch de buorren te lieden. Dêrfoar tige tank.

Hjirnei kamen de huldigingen...

Corrie mocht as earste op it poadium ferskine, sy hat it NK en EK Wallball wûn. In geweldige prestaasje, it is wol in applaus, attinsje en fotomomintsje wurdich.

Op de NK junioaren pakten Doede Rients Okkema, Bote Jellema en Rémon Tie Bouma mei coach Gert Jan Hiemstra in 3e priis. Ek foar harren in attinsje foar dizze moaie prestaasje en fansels in wol fertsjinne applaus.



Roelie Kroondijk, Jeska Terpstra en Selma de Boer en coaches Ype Tiemersma en Danny Roos kamen yn de blommen foar harren winst op de Ald-Meiers. Dit wie de tredde kear dat Easterein dizze ferneamde partij wûn. Letter yn it jier komt der noch in resepsje foar de froulju en wurde se noch ris yn it sintsje setten.

Imke van der Leest hat mei har maten Sjanet Wijnia en Louise Krol de froulju's PC wûn. Se waard op it poadium tasprutsen troch foarsitter en freon Dirk-Yde. In bysûnder momint. Nei in tút en in boskje blommen foar Imke gongen we oer nei de ferkiezing fan de keatser fan it jier. Hast alle leden en stipers dy't dizze dei west ha, ha in formulier ynfolle. Dêr binne we tige bliid mei. Ferskate nammen kamen foarby by de telling, mar Selma de Boer hat de measte stimmen krigen en is dêrmei 'Keatser fan it jier 2017'!

Jan Hiemstra hat noch efkes in wurdje dien om it bestjoer en de keatsferiening te betankjen foar harren ynset om de feriening sa goed op de kaart te setten.

Om 17.30 oere (in heal oerke letter as pland) koe de barbeque oan en ha we der noch in gesellige jûn fan makke mei lekker iten, in drankje en noflikke muzyk. It wie in tige slagge dei en we hoopje it oare jier wer sa'n moaie ôfsluting fan it seizoen te hawwen.

17-12-2017: Sealkeatsen senioaren

Snein 17 desimber hawwe we ús jierlikse ôfsluter fan it keatsseizoen hân yn sporthal "de Greidhoeke". Nei in list fan 3 omlopen mei wikseljende maten wiene de prizen úteinlik foar:

A-klasse:

1e priis: Tymen Dijkstra
2e priis: Abe Jan Stegenga

B-klasse:

1e priis: René Velzen
2e priis: Wiepkje Hiemstra

C-klasse:

1e priis: Mattie Dijkstra
2e priis: Jelle de Boer

WEDSTRIDEN FEDERAASJE

28-05-2017: Leanbedriuw Okkema partij

Snein 28 maaie wie de jierlikse leanbedriuw Okkema partij. In frije formaasje wedstriid hokker iepensteld is foar alle federaasjes.

Goed 12.00 oere wurdt de wedstriid iepene en kinne we starte mei in moaie keatsdei, wêrby de omstannichheden hearlik binne. Prachtich moai keatswaar!!!

Der steane 40 keatsers op' e list, hokker ferdield binne yn trije klassen. Der is in A klasse manlju (4 partoeren), B klasse manlju (7 partoeren) en de froulju (3 partoeren). Om 12.20 oere is it dan safier, elts hat de sportklean oan, hat sich waarm slein en/of draafd en we kinne los....

Manlju A klasse

Hjir wurdt keatst yn in poule fan 4 partoeren. Nei de earste twa omlopen binne der 2 partoeren hokker beide 14 punten hawwe; partoer 1: Bote Jellema, Raymon Cuperus en Jouke Dotinga en partoer 4: Rijkeld Dotinga, Michel Nesse en Julian Faber. Sy meie it tsjin elkoar opnimme en stride om de 1e priis. It wurdt in moaie striid, wêrby de ferskillen lyts binne. It wurdt 5-5 en it lêste earst sil de winner bringe. Uteinlik giet it partoer fan Rijkeld Dotinga der mei de krânsen fan troch, sy winne de finale mei 5-5:6-4.

1e priis: Rijkeld Dotinga, Michel Nesse en Julian Faber

2e priis: Bote Jellema, Raymon Cuperus en Jouke Dotinga

Manlju B klasse

Hjir wurdt keatst yn 2 poules: poule A fjouwer partoeren en poule B trije partoeren.

Yn poule A is it partoer fan Harm Auke Dijkstra, Steef Haarsma en Pieter Westra net te ferlaan, sy keatse de hiele dei deeglik. Sy winne dan ek alle trije wedstriden en wurde winner fan dizze poule mei 21 punten.



Yn poule B keatse de haadstipers fan dizze dei. Tom Couperus, Tjerk Okkema en Hendrik Okkema stride om in plakje yn de finale te heljen. De 1e omloop sette se goed útein en winne dan ek mei 5-2:6-2. Nei in goeie start en in deeglike 1e omloop slagget it harren net om de finale te heljen. It is it partoer fan Hans Kooistra, Jan Vellinga en Abe Jan Stegenga dy't de poule winne. Ek sy keatse deeglik en winne de poule troch beide wedstriden te winnen.

De finale giet tusken it partoer fan Harm Auke Dijkstra en Hans Kooistra. Harm Auke en syn maten sette rap útein en litte dúdlik sjen dat sy hjir hjoed binne foar mar ien ding, en dat is de krânse. Nei in fleanende start komme sy yn in rap tempo op in 3-0 foarsprong. 'Appeltje eitje' liket it te wurden. Mar mei in omloop mear yn de fuotten, liket de wurgens ta te slaan, Hans en syn maten keatse deeglik troch en bite harren der yn fêst, se komme werom oant 3-2 en 6-6. It slagget krekt net om lyk te kommen, spitich... Elk earst is spannend en giet lyk op, mar Harm Auke en syn maten binne hjoed net te stopjen en winne úteinlik de striid mei 5-2:6-4.

1e priis: Harm Auke Dijkstra, Steef Haarsma en Pieter Westra
2e priis: Hans Kooistra, Jan Vellinga en Abe Jan Stegenga

Froulju A klasse

De froulju keatse yn 1 poule fan trije partoeren. Nei allegearre in kear keatst te hawwen, binne ek hjir twa partoeren dy't beide in kear wûn hawwe en harren opmeitsje kinne yn in streekrjocht gefjocht om de krânse te winnen, partoer 2: Jildou Jorritsma, Jitske Plantinga en Sanne Rixt Jorritsma en partoer 3: Janieke Dijkstra, Jitske Veldman en Gabriële Bouma. Sy meie it tsjin elkoar opnimme yn de striid om de krânsen.

En in striid dat wurdt it... twa partoeren dy't oan elkoar weage binne. Se litte dan ek beide sjen dat ferlieze hjoed gjin opsje is. It is it partoer fan Janieke Dijkstra dy't goed útein set, en in 4-2 foarsprong nimt. Mar it partoer fan Sanne Rixt Jorritsma jout it net op en keatst lekker troch, hat in soad wille en it is Jildou Jorritsma dy't begjint te springen as sy dan ek ris in kear op in 6-6 stân it earst pakke. De spanning is werom yn de wedstriid en it wurdt dan úteinlik 5-5 en it lêste earst moat de winner bringe. It jout wol oan dat se oan elkoar weage binne, want it wurdt 5-5:6-6. Dizze kear is it net allinnich Jildou dy't springt, mar Sanne Rixt en Jitske dogge mei har mei... Sy winne it hjoed by de froulju en meie de krânsen mei nei hûs nimme.

1e priis: Jildou Jorritsma, Jitske Plantinga en Sanne Rixt Jorritsma
2e priis: Janieke Dijkstra, Jitske Veldman en Gabriële Bouma

In prachtige keatsdei wêrby mei in soad nocht en wille keatst is!

Tank oan de stiper fan dizze partij: Leanbedriuw Okkema! Sy hiene prachtige prizen beskikber steld, elts koe nei ôfrin noch lekker oan de borrel en genietsje fan in lekker hapke.

02-06-2017: Jeugdfederaasje partij

It waar kin in haadrol spylje tidens in keatsdei, somtiden posityf, somtiden negatyf. Dêr't we foarrich jier nei de earste omloop de partij spitigernôch ôfsizze moasten yn ferbân mei tonger, sloech it waar hjoed foar bêst op! Sinne, mar net te waarm, lekker wyntsje, net te folle. Ideaal keatswaar dus! Yn oerlis mei de TK fan de federaasje hiene we ús best dien om der foar eltsenien wer in moaie list fan te meitsjen. Dat makke oan de ein fan de lange keatsmiddei/jûn dat dizze bern in pryske mei nei hûs ta nimme mochten:

Welpen Famkes

1e priis:

Martsen van der Goot	Goaiengea
Brecht Stegenga	Easterein

2e priis:

Brecht Renema	Heech
Jiska Altenburg	Turns

Welpen Jonges

1e priis:

Laas van Daltsen	Nijlân
Sietse Jellema	Wommels

2e priis:

Jelmer de Boer	Nijlân
Mikkel Guljé	Goaiengea

3e priis:

Johannes de Boer	de Hommerts
Frans Oosterbaan	Skearnegoutum



Pupillen

1e priis:

Judith Cuperus	Nijlân
Ivanna Bonnema	Nijlân
Jesper Paauw	Easterein

2e priis:

Sjoukje Gerbrandy	Goaiengea
Rigt van der Velde	Goaiengea
Ridzert Veldman	Easterein

3e priis:

Afke Marije v.d Goot	Goaiengea
Benthe Ottens	Easterein

Skoalfamkes

1e priis:

Trudie Hoekstra	Reahûs
Frida Hofman	de Hommerts

2e priis :

Nynke Paauw	Easterein
Esther Cuperus	Nijlân

3e priis:

Romy Postma	Winsum
Silke Stilma	Folsgeare

Skoaljonges

1e priis:

Jan Johannes v.d Kamp	Nijlân
Tjerk Andringa	Reahûs

2e priis:

Redmer van Netten	de Gaastmar
Henk Hoekstra	de Hommerts
Pieter Breeuwisma	Nijlân

Jonges/Famkes

1e priis:

Ignas Dijkstra	Mantgum
Jeska Terpstra	Easterein
Julia Paauw	Easterein

2e priis:

Klaas Jan Oosterbaan	Skearnegoutum
Wieberen Posthuma	Folsgeare

1e priis ferl.:

Jelger de Boer	de Hommerts
Willem Koopmans	Britswert
Gerben Gerbrandy	Reahûs

2e priis ferl.:

Kees van der Horst	Easterein
Bote Altenburg	Reahûs
Alien Dijkstra	Easterein



Alle vrijwilligers, fan perklizzers oant bardraaiers, tige tank foar jimme ynset!

WEDSTRIDEN KNKB

14-05-2017: Froulju haadklasse en 1e klasse

Op de moaie fjilden fan de Skoalleseize binne om 11.00 oere de froulju los gongen. It waar wie hearlik en it sin dus bêst. We ha ús bêst dien om genôch karmasters foar trije fjilden te regeljen en mei wat help fan de taskôgers is dat tige slagge. Sa no en dan kaam der in lyts, ferfrissend, buike oer. Nei spannende partijen en in moaie keatserij binne by de haadklasse ûndersteande partoeren yn de priizen fallen.

1e priis:

Anne Monfils	Kimswerd
Nynke Sijbrandij	Ljouwert
Marrit Zeinstra	Peins

2e priis:

Ilse Tuinenga	Bertsum
Wiljo Sijbrandij	Ljouwert
Manon Scheepstra	Ljouwert



3e priis:

Elly Hofman	Dronryp
Marte Altenburg	Grou
Louise Krol	le

2e priis ferl.:

Akkelyne de Haan	Wier
Everdyna de Haan	Wier
Boukje Terpstra	Easterein

By de earste klasse gongen nei in moaie list fan 16 partoeren, ûndersteande partoeren mei in priis nei hûs.

1e priis:

Tineke Dijkstra	Wjelsryp
Hermine Sytema	Deinum
Marije van der Meer	Ljouwert

2e priis:

Jildou Sweering	Folsgeare
Sigrid de Jong	Blauhûs
Idske Zijlstra	Drylst

3e priis:

Anna-Brecht Bruinsma	Wommels
Mariska Hoogland	Bitgummole
Grada van der Schoot	Harns

3e priis:

Nelie Steenstra	Minnertsgea
Anouk Tolsma	Dronryp
Martzen Deinum	Wommels

1e priis ferl.:

Selma van der Molen	Wytmarsum
Jeska Terpstra	Easterein
Kim Dijkstra	Makkum

10-06-2017: Manlju 1e klasse f.f.

Mei it sintsje der by setten wy om 10 oere útein mei in moaie list fan 21 partoeren. In protte spannende partijen makke dat it in leuke dei wie om nei it keatsen te sjen. Wat skiedsrjochters oanbelanget koe der wol in flok lizze op Easterein, want in moanne lyn, by de froulju, wie de skiedsrjochter siik en no healwei de 1e omloop gong dhr. van Wier troch syn knibbel. Lokkich wie der in masseur oanwêzich en waard de lieding oernommen troch Michel v/d Veen en Dirk-Yde Sjaarda. Grutte klasse. It foel úteinlik mei en de skiedsrjochter koe it letter sels wer oernimme. Mei help fan genôch karmasters en keats-oanmerkers (jongsten wiene 6 jier en 'yn oplieding') foel om 16.40 oere de lêste slach.

Yn de heale finale keatsten de partoeren R Emmelt Bouma, Jelte Visser en Nick Leistra tsjin Auke Boomsma, Hylltje Bosma en Steven de Bruin. It partoer fan Jelte-Pieter Dijkstra, Renze Hiemstra en Hendrik Kootstra hiene hjir in stand nûmer. R Emmelt Bouma c.s. wûnen mei 5-1:6-0 en stiene hjirmei ek yn de finale.

It like of gongen Jelte-Pieter Dijkstra c.s. non-stop nei de oerwinning. Mar in 3-0 foarsprong waard by helle oant 3-3. Dêrnei gong it lyk op en waard it in echte finale. Uteinlik op 5-4:6-2 waard de partij beslist mei in bûten slach en wiene de krânsen foar Jelte-Pieter Dijkstra, Renze Hiemstra en Hendrik Kootstra.





1e priis: Jelte-Pieter Dijkstra, Renze Hiemstra en Hendrik Kootstra

2e priis: Remmelt Bouma, Jelte Visser en Nick Leistra

3e priis: Auke Boomsma, Hyltje Bosma en Steven de Bruin

19-08-2017: KNKB Famkes t.i.l.

Nei alle reinbuien hiene de waarsgoaden it hjoed goed mei ús foar by de KNKB partij foar de famkes t.i.l. Mei in hearlik sintsje, wyntsje en ien buike wie it prachtich keatswaar.

Mei in list fan 10 partoeren koene we om 10 oere los. Troch in ôfmelding fan Lobke Vlasbloem moast de list hjir en dêr wat feroare wurde.

Yn de ferliezersronde stiene Jeska Terpstra, Boukje-Ellen Bosma en Ilse-Marije Hartman yn de finale tsjinoer Marije Bodde, Joanne Elise Broeders en Ellen Jorritsma. Nei in iensidige striid waard it 5-2:6-0 foar Marije, Joanne Elise en Ellen.

Yn de winnersronde wie de 3e priis foar Rianne Nutma, Selma de Boer en Naomi Wiersma, sy ferlearen yn de heale finale fan Jannica v/d Ploeg, Larissa Smink en Gerde Lycklama á Nijeholt mei 5-1:6-6. De partoeren fan Rixt Wijnia, Jessie Rekker, Rixt Fokkema en Jannica v/d Ploeg, Larissa Smink, Gerde Lycklama á Nijeholt mochten stride om de krânsen. Jannica c.s. wiene de sterksten en wûnen mei 5-2:6-4.

1e priis:

Jannica v/d Ploeg

Stiens

Larissa Smink

Makkum

Gerde Lycklama á Nijeholt

It Heidenskip

2e priis:

Rixt Wijnia

Wommels

Jessie Rekker

Boalsert

Rixt Fokkema

Harns

3e priis:

Rianne Nutma

Winsum

Selma de Boer

Easterein

Naomi Wiersma

Warkum



1e priis ferliezers:

Marije Bodde	Grou
Joanne Elise Broeders	Rie
Ellen Jorritsma	Easterlittens

2e priis ferliezers:

Jeska Terpstra	Easterein
Boukje-Ellen Bosma	Makkum
Ilse-Marije Hartman	Seisbierrum

Mei tank oan de karmasters en de âlders dy't meiholpen ha! Fansels ek tank oan ús haadstiper Couperus Hydrauliek út Easterein foar it mei mooglik meitsjen fan dizze partij.

BYSÛNDERE AKTIVITEITEN

19 o/m 30 juny 2017:

Iepen Frysk Kampioenskip Jeu de Pelote – Easterlittens



Foar Easterein diene mei: Bauke Dijkstra, Dirk-Yde Sjaarda, Hendrik Bouwhuis, Jan Schurer en Robert Sijbesma. De mannen hawwe wûn fan Spannum mei 2-8, ek fan Makkum waard wûn mei deselde sifers. Yn de heale finale kamen se tsjinoer Ljouwert, se koene it spitigernôch krekt net rêde om in plakje te bemachtigjen yn de finale, se ferlearen mei 8-6.

Dochs in moaie 3e priis foar Easterein. De finale gong tusken Ljouwert en Easterlittens, Easterlittens hat dit wûn.

02-07-2017: Alder/bernpartij

In lytse 40 âlders en bern hiene harren opjûn. 3 Omlopen keatse en gjin prizen foar de winners. Hoe moai kin it wêze. It jild foar de prizen is bestege oan in hapke en in snapke foar de âlders en de bern.

27-08-2017: Stipersdei

Snein wie wer de jierlikse keatspartij foar ús stipers. We binne as keatsferiening fansels tige bliid mei ús stipers dy't de keatsferiening in waarm hert ta drage. Om 12 oere ha we earst mei elkoar sop en broadsjes iten en dêrnei is de earste omloop los gongen. Der moast trije kear keatst wurde, hieltyd mei oare maten. It wie hjirtroch oan de ein ta spannend, wa't der mei de prizen nei hûs gean soene.

De temperatuer rûn net allinnich op omdat it sok moai waar wie, mar der waard ek hurd striden om de sêfte bal sa no en dan noch ris in bêste hys te jaan yn it tuskenspul. De switterige, waarme hollen koene tusken de omlopen troch efkes bykomme mar moasten dan dochs wer los.



Nei de lêste slach koe it optellen fan de punten begjinne. We binne wend dat der ek treastprizen binne foar de keats(t)ers dy't de minste punten by elkoar skraabje koene. Dizze prizen wiene foar Mattie Dijkstra (B maat) en Abe Jan Stegenga (A maat). Sy binne dus net mei lege hannen nei hûs gongen. De twadde prizen gongen nei Elisabeth Breeuwsma en Danny Roos en de krânsen wiene foar Marlous van Tuinen en Dirk-Yde Sjaarda.

A maten:

1e priis: Dirk-Yde Sjaarda 21 foar - 4 tsjin
2e priis: Danny Roos 21 foar - 13 tsjin

B maten:

1e priis: Marlous van Tuinen 21 foar - 11 tsjin
2e priis: Elisabeth Breeuwsma 19 foar - 11 tsjin

Nei in gesellige neisit mei ferskate hapkes en drankjes wie it wer in tige slagge dei. **Stipers, wy binne tige wiis mei jimme bining mei de keats-feriening! Tige tank!**

JONG FAMMEN – PC – ALD MEIERS – FREULE

01-07-2017: Jong Fammen Partij – Mantgum

Yn Mantgum wie hjoed de klassiker foar de froulju junioaren. Foar Easterein keatsten Roelie Kroondijk, Janieke Dijkstra en Corrie Kroondijk. Minnertsgea wie yn de 1e omloop te sterk foar de froulju, se ferlearen mei 5-3:6-2. Wommels wint de Jong Fammen Partij.

02-08-2017: Manlju's PC – Frjentsjer

Mei Bauke Dijkstra en Jan Schurer op de list fan de 164e PC wiene der 2 Eastereiners aktyf op it hillige gers fan it Sjûkelân. Bauke keatste mei syn maten Elgar Boersma en Willem Heeringa yn de 1e omloop tsjin de lettere winners Bauke Triemstra, Alle Jan Anema en Hendrik Kootstra. Mei in einstân fan 5-0:6-0 koene Bauke c.s. reedlik gau de klaaiekamer wer opsykje.

Jan hie him mei syn maten Jelte-Pieter Dijkstra en Pier Piersma pleatst foar de PC fia de keats-off en sieten op foarhân yn it moaie blokje fan de list, sûnder echte toppartoeren. Dus folop kânsen om yn de prizen te kommen. Yn in spannende partij ferlearen sy spitigernôch mei 'alles oan'e hang' fan Jelle Attema, Jacob-Klaas Haitzma en Hillebrand Visser. Jacob-Klaas c.s. soene letter yn de heale finale én yn de finale nochris 5-5:6-6 keatse. Sy koene it dy lêste slach fan de dei krekt net oprêde.

05-08-2017: Ald Meiers – Hitsum

Sa as jim allegearre fêst wol witte, hat Keatsferiening Easterein sneon 5 augustus foar de tredde kear de Ald Meiers

partij wûn yn Hitsum. Roelie Kroondijk, Selma de Boer en Jeska Terpstra fersloegen yn in spannende finale it partoer fan Seisbierrum-Pitersbierrum mei Ilse-Marije Hartman, Anna Ennema en Fiera de Vries mei 5-4:6-6.

De dei begong mei in moarnsbrochje mei coaches Ype en Danny. En fansels ek noch efkes mei it findel op de foto. De keatsdei begong mei in earste omloop tsjin Dronryp. Dizze partij waard oertsjûggjend wûn mei 5-0:6-6. Dêrnei moasten se oantrede tsjin Arum, ek dizze partij waard mei dúdlike sifers wûn mei 5-0:6-6. Mei in steand nûmer kamen se yn de heale finale Makkum tsjin, mar ek dizze froulju wiene kânsleas tsjin it sterk keatsende trio út Easterein, wer 5-0:6-6.

Klear foar dé finale...



Nei de winst jûns noch in rûnrit troch it doarp mei hynder en wein fan Yde Sjaarda. En it waard noch in moai feestje yn de sportkantine!



Wy wolle graach Roelie, Selma en Jeska en coaches Ype en Danny fan herte lokwinskje mei dizze prachtige oerwinning!

09-08-2017: Freule – Wommels

Yn de 1e oelop wûnen Bauke Reijnhoudt, Rutger Wiersma en Kees van der Horst it fan Tsjom, nei in spannende striid waard it 5-4:6-2. Spitigernôch koene ús jonges it net rêde yn de 2e omloop tsjin ien fan de favorite partoeren Eksmoarra, it waard 5-0:6-2.

23-08-2017: Froulju's PC – Weidum

Wat in super prestaasje hjoed fan Imke van der Leest mei har maten Sjanet Wijnia en Louise Krol: winst op de PC!

Yn de 1e omloop wûnen se, nei in tige spannende partij, mei 'alles oan de hang' fan Joukje Kuperus, Maaïke Osinga en Iris van der Veen. Nei in 5-3 efterstân lutsen Imke, Sjanet en Louise dochs oan it langste ein. It favorite partoer fan Ilse Tuinenga, Manon Scheepstra en Wiljo Sijbrandy wie de tsjinstanner yn de 2e omloop. Nei wer in spannende striid wûnen Imke c.s. dizze partij mei 5-4:6-0. Nei in foarsprong fan 3-1 en 5-3 kamen Ilse c.s. werom oant 5-5. Mar lokkich wisten Imke c.s. yn it lêste earst, koarte metten te meitsjen en pakten se dit earst mei 6-0.

Yn de heale finale kamen se tsjinoer Anna-Brecht Bruinsma, Mariska Hoogland en Melissa Rianne Hiemstra te stean, Nei in iensidige en koarte partij wûnen Imke c.s. mei 5-0:6-0.

De finale tsjin Marije van der Meer, Klasine Huistra en Annelien Broersma gong earst lyk op, mar nei in lytse efterstân fan 1-2 rûnen Imke, Louise en Sjanet út nei 5-2:6-4 en wie de winst op de Froulju's PC 2017 in feit.



Fan herte lokwinske froulju!!

NEDERLÂNSKE KAMPIOENSKIPPEN

05-06-2017: NK Manlju – Frjentsjer

Dirk-Yde Sjaarda, Jan Schurer en Bauke Dijkstra wiene hjoed de striders fan Easterein op it NK yn Frjentsjer. De 1e omloop wûnen sy fan Menaam mei 5-2:6-2. Yn de 2e omloop ferlearen sy fan, de lettere winner, Ljouwert mei de sifers 5-2:6-2.

10-06-2017: NK Jonges – Wergea

Foar Easterein diene Rutger Wiersma en Bauke Reijnhoudt mei, spitiigernôch gongen se der yn de earste omloop ôf.

10-06-2017: NK Famkes – Makkum

De famkes hiene hjoed ek harren NK. Roelie Kroondijk, Selma de Boer en Jeska Terpstra diene foar Easterein mei, sy moasten yn de earste omloop oantrede tsjin it sterke Seisbierrum Pitebsbierrum. Op 5-5:6-4 moasten sy belies jaan tsjin de lettere preemje winners.

24-06-2017: NK Pupillen Jonges – Harns

Redmer Stegenga, Arjen Stremmer en Redmer Wiersma diene mei foar Easterein, sy wûnen de earste omloop fan Boalsert mei 5-0:6-0. Yn de twadde omloop wie Minnertsgea de tsjinstanner. De jonges koene it krekt net rêde en ferlearen mei 5-4:6-6.

24-06-2017: NK Pupillen Famkes – It Hearrenfean

Liset Sijbesma, Marije Zijlstra en Judith v/d Weerdt keatsten foar Easterein, sy moasten yn de 1e omloop oantrede tsjin Ie. Sy ferlearen mei 5-1.

24-06-2017: NK Froulju – Wjelsryp

Marije Hiemstra, Imke v/d Leest en Martine Tiemersma keatsten foar Easterein, sy wûnen de earste omloop mei 5-3 fan Minnertsgea. Yn de twadde omloop wie Dronryp de opponint, mei 5-3:6-6 waard Dronryp ferslein.

Mei âld-Eastereiner Tineke Dijkstra, wie Wjelsryp de folgjende tsjinstanner fan de froulju. Nei in spannende partij luts Wjelsryp oan it langste ein en fersloech de Eastereiner froulju mei 5-3:6-6. Tineke ferlear hjirnei de heale finale mar wûn dus wol in moaie 3e priis op dit NK.

01-07-2017: NK Skoaljonges – Winsum

Siebo Boersma, Jelmer Brouwer en Bauke Reijnhoudt keatsten foar Easterein, sy moasten it yn de 1e omloop opnimme tsjin Reduzum. Nei in spannende en lyk opgeande striid wûn Easterein mei 5-5:6-0. Yn de twadde omloop wie Winsum de tsjinstanner, sy wiene in maatsje te grut: Easterein ferlear mei 5-0.

01-07-2017: NK Skoalfamkes – Nijewier-Mitselwier

Gjin dielname

08-07-2017: NK Junioaren – Wier

Bote Jellema, Rémon Tie Bouma en Doede Riens Okkema moasten it yn de 1e omloop opnimme tsjin Ie, nei in spannende striid wûnen se mei 5-4:6-4.

Weidum wie de tsjinstanner yn de 2e omloop, ek dit wie wer tige spannend mar se wûnen mei deselde sifers as yn de 1e omloop.

Nei in steand nûmer op de 3e list stiene de mannen yn de heale finale tsjinoer Frjentsjer, spitiigernôch wiene se tsjin dizze mannen net opbokst en ferlearen se mei 5-3:6-4.



Al mei al prachtich keatst en in moaie 3e priis op it NK.

Lokwinske mannen en coach Gerf Jan!

08-07-2017: NK Manlju 50+ – Froubuorren

Foar Easterein diene Sipke Hiemstra, Tjeerd Dijkstra en Simon Kingma mei oan it NK manlju 50+. Se fleagen maklik troch de 1e omloop hinne troch te winnen fan Berltsum mei 5-1:6-4. Nei in spannende striid yn de 2e omloop tsjin St. Anne moasten de Eastereiner mannen belies jaan op de stân 5-5:2-6.

KNKB Klasseminten

Nr	Keatser	Punten
30	Welpenfamkes	
27	Fianne Dijkstra	1
50	Pupillenfamkes	
33	Liset Sijbesma	3
44	Marije Zijlstra	1
44	Skoalfamkes	
32	Nienke Zijlstra	4
37	Nynke Paauw	2
61	Famkes	
4	Selma de Boer	22
7	Jeska Terpstra	19
9	Roelie Kroondijk	18
14	Corrie Kroondijk	14
45	Julia Paauw	3
59	Alien Dijkstra	1
	Froulju 2e klasse	
70	Froulju 1e klasse	
7	Tineke Dijkstra	9
18	Marije Hiemstra	8
29	Sietske Okkema	6
31	Martine Tiemersma	5
32	Jeska Terpstra	5
53	Baukje Terpstra	2
61	Imke van der Leest	2
64	Roelie Kroondijk	1
47	Froulju Haadklasse	
10	Imke van der Leest	16
20	Martine Tiemersma	6
33	Tineke Dijkstra	2
37	Sietske Okkema	1
Nr	Top trije measte punten	F
1	Jeska Terpstra	24
2	Selma de Boer	22
3	Roelie Kroondijk	19

Nr	Keatser	Punten
43	Welpenjonges	
59	Pupillenjonges	
5	Redmer Wiersma	15
34	Arjen Stremmer	4
46	Redmer Stegenga	1
86	Skooljonges	
64	Bauke Reijnhoudt	1
69	Rutger Sijbesma	1
112	Jonges	
67	Kees van der Horst	3
21	Junioaren	
9	Doede Rients Okkema	1
10	Bote Jellema	1
16	Rémon Tie Bouma	1
22	Manlju 30+	
118	Manlju 50+	
3	Sipke Hiemstra	15
4	Roel Sijbesma	14
6	Ype Tiemersma	14
17	Tjeerd Dijkstra	11
35	Douwe Durk Reitsma	7
51	Simon Kingma	5
91	Jan Vellinga	2
30	Manlju 2e klasse	
80	Manlju 1e klasse	
3	Bauke Dijkstra	21
8	Jan Schurer	14
23	Jelte-Pieter Dijkstra	9
30	Dirk-Yde Sjaarda	7
39	Hendrik Bouwhuis	5
61	Manlju Haadklasse	
38	Jan Schurer	3
43	Dirk-Yde Sjaarda	2
48	Jelte-Pieter Dijkstra	1
52	Doede Rients Okkema	1
Nr	Top trije measte punten	Manlju
1	Bauke Dijkstra	21
2	Jan Schurer	17
3	Redmer Wiersma	15
3	Dirk-Yde Sjaarda	15

Keatsmominten út 2017

Jannewaris

- 8 NK Wallball 1e priis Corrie Kroondijk

April

- 27 Manlju 50+ t.i.l. yn Harns 1e priis Sipke Hiemstra
30 De Bangmapartij yn Weidum manlju ôfdieling 3e priis Doede Rients Okkema, Dirk Yde Sjaarda en Jan Schurer

Maaie

- 13 Famkes A-klasse yn Easterwierrum 1e priis Jeska Terpstra
14 Manlju 50+ t.i.l. yn Folsgeare 1e priis Ype Tiemersma
14 Jonges t.i.l. yn Holwert 1e priis Kees v/d Horst
21 Famkes ôfdieling yn Ysbrechtum 3e priis Roelie Kroondijk, Corrie Kroondijk en Jeska Terpstra
21 Pupillen jonges ôfdieling yn Ingelum 3e priis Redmer Wiersma, Redmer Stegenga en Arjen Stremmer
26 Federaasje Welpen yn Reahûs 1e priis Fianne Dijkstra
26 Federaasje Pupillen jonges yn Reahûs 1e priis Redmer Stegenga
26 Federaasje Famkes yn Turns 1e priis Corrie Kroondijk en Alien Dijkstra

Juny

- 2 Skoalkeatsen yn Winsum,
A Klasse 1e priis Redmer Wiersma, Redmer Stegenga en Jelmer Brouwer
A Klasse 1e priis Liset Sijbesma, Judith v/d Weerd en Marije Zijlstra
B klasse 1e priis Tijmen de Groot, Niels Hiemstra en Arjen Stremmer
2 Welpen yn Easterein 1e priis Brecht Stegenga
2 Pupillen yn Easterein 1e priis Jesper Paauw
2 Jeugd yn Easterein 1e priis Jeska Terpstra en Julia Paauw
3 Famkes ôfdieling yn Wommels 2e priis Selma de Boer, Roelie Kroondijk en Jeska Terpstra
7 Skoalkeatskampioenskippen yn Frjentsjer 2e priis Redmer Wiersma, Redmer Stegenga en Jelmer Brouwer
10 Manlju 50+ f.f. yn Penjum 1e priis Tjeerd Dijkstra
11 Pupillen famkes yn Boalsert 1e priis Liset Sijbesma
24 Manlju 50+ t.i.l. yn Eksmoarre 1e priis Roel Sijbesma
24 Manlju 1e klas t.i.l. yn Winaam 1e priis Jan Schurer
29 IFK Jeu de Pelote yn Easterlittens 3e priis Bauke Dijkstra, Dirk Yde Sjaarda, Jan Schurer, Robert Sijbesma en Hendrik Bouwhuis
30 Federaasje ôfd. Famkes yn Boazum 1e priis Julia Paauw, Alien Dijkstra en Selma de Boer
30 Federaasje ôfd. Pupillen famkes yn Boazum 1e priis Liset Sijbesma, Judith v/d Weerd en Marije Zijlstra
30 Federaasje ôfd. Welpen famkes yn Boazum 2e priis Fianne Dijkstra, Brecht Stegenga en Nienke Zijlstra

July

- 8 NK junioaren ôfdieling yn Wier 3e priis Doede Rients Okkema, Bote Jellema en Rémon Bouma
9 Manlju 1e klasse ôfdieling yn Rie 1e priis Dirk Yde Sjaarda, Bauke Dijkstra en Hendrik Bouwhuis
22 Froulju 1e klasse f.f. yn Wytmarsum 1e priis Sietske Okkema en Marije Hiemstra
EK Wallball yn Valencia Corrie Kroondijk mei har maat Fiera de Vries Europeesk kampioen, Sulver by Raspall en Sulver by Ynternasjonaal spul
30 Famkes t.i.l. yn St. Anne 1e priis Julia Paauw

Augustus

- 5 Ald-Meiers yn Hitsum 1e priis Roelie Kroondijk, Selma de Boer en Jeska Terpstra
6 Pupillen jonges A klasse yn Berltsum 1e priis Redmer Wiersma
13 Froulju 1e klasse yn Rie 1e priis Martine Tiemersma
23 Frouljus PC yn Weidum 1e priis Imke v/d Leest

Sjoch foar alle wiidweidige ferslaggen op ús webside: www.kfeasterein.nl



Adv. vd Eems